

Hans Brans

De Bugatti Konneksje

In filosofyske klucht



De Hear Visser?

2011

mei tank oan Katja Westra

De Bugatti Konneksje

Oersetting: Lolkje Hoekstra (Grins, 2011)

© Hans Brans
Weidum, 2011

Net kopiearre of opfiere sûnder skriftlike tastimming.
hans.brans@planet.nl
www.hansbrans.nl

De Bugatti Konneksje

Personaazjes

Eduard F. Zorgdrager
Frederick E. Zorgdrager
Charles

Cora

Mefr. Gré Klaverveld-Zonderman

Herbert Hausmacher

Hermine Hausmacher-de Broeck

Rocky Valentino

Behearder

Syn broer

De kelner / terapeut

De stazjêre

In fêste gast

In nije gast

Syn frou

Alias Piet Graniet, alias Simon Steenmeyer,
in ûnferwachte gast

Earste bedriuw

Sêne ien

De lobby fan hotel-kueroard 'De Râne fan it Ravyn'. In baly op de achtergrûn. Eduard en Frederick komme op, de foarste yn pak, de twadde yn plusfour. Achter har oan rint Cora, kôget kaugom en mei notysjeblok.

FREDERICK:

'De ko yn my'? En dat moat in 'niche' yn de merk oanboarje?

EDUARD:

Lit him no mar. Hy hat hjir in noas foar.

FREDERICK:

Ik bin gjin proefknyn.

EDUARD:

O jawol. Wy ha gjin oare kninen, Frederick. Wy binne in famyljebedriuw.

FREDERICK:

En Cora dan?

EDUARD:

Cora is nij. Dy makket oantekenings.

(Cora makket oantekenings)

No net, drekst. *(sucht)* Stazjêres

FREDERICK:

O, ik krij wer lêst fan myn oksel. It lûkt.

EDUARD:

Tochst dat ik dit foar de lol die? It is al slim genôch dat wy ôfhinklik binne fan dy eikel.

As de omset weromrint en menear Visser komt werom en wy –

(Charles komt ûnferwachts achter de baly foar't ljocht.)

CHARLES:

Goemoarn menear Zorgdrager. Lekker sliedt? Jo ek, nim ik oan, menear Zorgdrager?

Binne wy der klear foar? Geane jo sitten. Do ek, Cora mia Cora.

(hy hat de sitkessentsjes fan Eduard oernaam en se neist inoar op romme ôfstân op de grûn lein. Se geane der yn kleanmakerssit op sitten, Eduard yn it midden.)

FREDERICK:

Hoe lang sil dit duorje, Charles?

CHARLES:

Jou je oer en tiid wurdt wei.

EDUARD:

Dêr wie'k al bang foar. Sjit no mar op.

CORA:

Wat set ik der boppe? De ko yn my?

(Charles lûkt har de pen en notysjeblok út de hannen en leit se neist har del)

CHARLES:

Drekst, leave. Earst ûndergean. Slút de eagen.

(hy set in sacht sweverich musykje op)

Eagen ticht?

(Cora besiket har te ûntspannen. Frederick knypt de eagen stiif ticht. Eduard sjocht yrritearre foar him út, mar hoewol't Charles achter him stiet, fernimt dy it doch.)

Do ek, Eduard.

EDUARD:

Ik ha leaver net datst my by myn foarnamme -

CHARLES:

(limerich, twingend) Oan-dacht. Oandacht is alles.

(Hy pakt trije boarden fanachter de baly, mei in dampjende byfstik. Mei in wyt servetsje om de earm set er de boarden foar de trije op de grûn del en leit it bestek derneist dat er út syn kolbêr hellet.)

Hmmm. Byfstik, spierfleis.

Ko! Net rau, net trochbakt. Medium.

Rûk. Priuw. Fiel. Wês.

(Syn instruksjes wurde troch de trije as yn trance opfolge.)

Snij in hoekje út de spier. Eagen ticht.

Skerp mes. Prik it oan je foarke.

It bloed, krekt net floeiber, bliuwt yn it fleis.

Mûle iepen, bûg de holle licht. Eagen ticht. Mûle ticht.

Hmmm. Rûk. Priuw. Fiel. Wês. Wês fleis.

Druk it fleis tsjin je ferwulft. Kôgje. Meal.

Platsje it weefsel tusken de kiezzen.

Fiel it bloed tusken de tosken.

Taast rûn yn de mûle. Wês wat je ite.

Hâld dy oandacht fêst.

Kôgje stadich, kôgje as in ko, stadich, yn de breedte.

Oersjoch mei koele blik de slachting yn jo mûle. Slok.

En sjoch no achter jo sluten eachlid.

(flústeret)

Sjoch. Sjoch!

Dêr stiet se: noflik, breed, swier, lokkich. Yn swart-wyt.

Poaten yn de klei, hier út de noastergatten, eagen as fivers.

Hear har djipste blik yn jo ieren rûzjen.

Wat seit de ko yn my?

(yn stadich tanimmende ekstaze)

Yt my! Fret my op mei hûd en hier, mei sturt en hert, mei jaar en al myn magen.

Kôgje op it gers dat ik kôge. Drink my! Slikje it sleatswetter út myn liif dat ik slikke út de sleat. Rôlje jo yn de stront oan myn billen, sink wei yn myn kowekut, ferdwaal yn myn sân magen, ferdrink yn myn planetaryske kowe-eagen.

En sjoch! Sjoch!

(ûnderwilens hat Charles in slachtersmes en messesliper fanachter de baly wei helle. Wylst hy it mes muzikaal oer de sliper glydzje lit, wiggelje de 'kursisten' mei sletten eagen loksillich mei de holle.)

Sjoch de kym, de greide, de himel. Hiel de wrâld rûzet troch jo ieren.

No sprekt de ko yn jo.

“Ik bin jo liif. Jo liif is my. Ferdrink, ferswolch yn my!”

No binne jo ko!

Ko! Ko!!

No binne je klear.

No binne je licht en swier.

Domwei foar ivich lokkich.

Jo binne klear foar de slacht.

(De trije iepenje stadich de eagen en sjogge glêzich foar har út. Dan heare we ynienen hiel sacht it lûd fan in motor yn de fierte dat nei in skoftke hiel stadich oanboazje sil. Eduard heart it. Charles suchtet.)

EDUARD:

Wat is dat?

FREDERICK:

(baltet as in ko yn trance) Boeh!

EDUARD:

Hearst dat?

CORA:

(skriuwt) Sil ik dan mar notearje ‘De koe in mij’ om healwei tsienen yn seal Dalzicht?

EDUARD:

Klanten!

CORA:

En hoe moat dat yn de folder?

CHARLES:

‘De koe in mij’ is een nieuwe lichaam- en geestverruimende eetworkshop. 395 Euro per couvert.

FREDERICK:

Boeh!

EDUARD:

Hy is der yn bleaun, godskes noch oan ta. Frederick! Klanten! *(Frederick wurdt wekker)* Kom fan dat kessen ôf, ko! Ik wol in detaillearre klantprofyl. Karacterswakte, finansjele reserves, alles.

Cora, hoefolle bêden hawwe wy frij? En ferskjinje it bêdeguod. *(Cora ôf)*

Wêrom komt alles hjir op my del? Charles, hat dat sangerwiif al moarnsiten?

(Hy giet drok ôf en batst tsjin in sliedronken mefrou Klaverveld-Zonderman yn duster, in sêft dameke dat mei in tichte noas yn ien as oar ûndúdlik dialekt praat.

Frederick beklimt mei in fierrekiker in kleukenstrepke. Eduard helpt Klaverveld oerein.)

KLAVERVELD:

O, menear Eduard! Wat galant!

EDUARD:

Ah, goemoarn mefrouke Klaverveld-Zonderman. Hoe giet it der no mei? Jo binne der wer hielendal klear foar, sjoch ik wol. Lekker sliept? Moarnsiten? Charles helpt jo sa fierder. (*hastich ôf*)

FREDERICK:

Ferrek sis. Ik sjoch se!

KLAVERVELD:

Ik moat moarnsiten ha, sei menear Eduard.

CHARLES:

Jo hawwe al moarnsiten hân, frou Klaverveld.

KLAVERVELD:

Gut. Wât ha'k dan iten, Charles?

CHARLES:

Healsacht aaïke. Bakje grottebrokkebrij. Palmbeamsap. Ja, ja, frou Klaverveld.

KLAVERVELD:

Wat nuver. Ik ha sa'n honger.

CHARLES:

(*masearret har sliepen*) Dat is de fiksaasje op de leechte yn jo inerlik, frou Klaverveld. Mar dy leechte sit jo tusken de earen.

KLAVERVELD:

Wat nuver. Ik soe swarre dat ik krekt wekker wie, Charles.

CHARLES:

Jo búkje sit fol, grôtfol. Ik fiel it. Wat in gewicht! Al dy fettichheid belestet jo siel, frou Klaverveld. Ik stek drekst wol even twa fingers yn jo kiel.

KLAVERVELD:

Alwer?

CHARLES:

Binne jo hjir om te helen, ja of nee?

KLAVERVELD:

Jawol, mar...

CHARLES:

Ha wy lekker dreamd?

KLAVERVELD:

Wol sa nuver, hin. Sa nuver. Ik dreamde dat ik fleach. En oars flean ik noait.

FREDERICK:

(sjocht troch fierrekiker): KLM? Piper Cup? F16?

KLAVERVELD:

Nee, út mysels. Earst stuitere ik wat, as sa'n skippybal –

CHARLES:

Dat is dy grouwe bealch fan jo. Dat fearret fansels.

KLAVERVELD:

Grif. It fearre better en better. Oant ik sa heech gong dat ik oer Hotel De Râne fan it Ravyn fleach. Ik seach it hiele kuuroard oan de râne fan de ôfgrûn. En ik seach hoe't menear Eduard spul hie mei menear Frederick op de bleek. En dat nije famke, Cora, sette in anti-hûnebuordsje by de oprit.

FREDERICK:

Ferrek! Se ride in Bugatti.

KLAVERVELD:

En ik seach mysels op bêd lizzen, ik wage wol 200 kilo!

CHARLES:

Koene jo troch it dak hinne sjen, dan?

KLAVERVELD:

Hoe is it mooglik, net? No ja, it wie mar in dream.

CHARLES: *(masearret har hollehûd wer)*

Dreamen binne hiel belangryk, frou Klaverveld. Se fertelle jo alles wat ik witte wol.

FREDERICK:

In asuerblauwe Bugatti Type 35 út 1924. Soa, dy trapet 'him op de sturt.

(Achter it toaniel klinkt in klap. Eduard ropt fan au.)

KLAVERVELD:

Wat soe'k sûnder jo moatte?

CHARLES:

Neat, frou Klaverveld. Neat.

(Hy masearret har sliepen en even letter falt se as in blok yn sliep. Eduard komt op mei in hân foar it each.)

EDUARD:

Frederick, Visser! Sjoch ris goed. Is it menear Visser?

FREDERICK:

Visser? No, nee. Se ha alle fjouwer skonken noch.

EDUARD:

Alle fjouwer?

FREDERICK:

Nee, alle twa. Fjouwer skonken.

EDUARD:

Dan is it Visser net. Ús dei is noch net kaam, Frederick. Mar as menear Visser werom komt... - en hy komt, op in dei komt er werom, menear Visser. En as er dan yn de doar iepening stiet, yn it strieljende sinneljocht, dan sis ik: wy binne der klear foar, menear Visser, klear om te gear. Sis ik dan. En myn broer ek. Wy ha dien wat dien wurden moast. Foaral ik. Alles yn jo wyngerd is ta achter de komma kontrolearre en evaluearre. De boeken, de bêden, de by-oplieding fan it personiel, it ynnovative marketingkonsept, it bio-energetysk model, de psycho-sosjale trajektúntwikkeling - it kaam allegear op my del, mar op myn eigen, beskieden wize ha ik it minskdom tsjinne. (*smeket*) Meie wy dan no...menear Visser? Meie we dan no...Asjeblyft...?

FREDERICK:

(*sjocht troch fierrekiker*) Cora, skiuw op.

(*Cora komt hastich oanrinnen mei notysjeblok*)

Hy: foar yn de fyftich, drollefanger, snor, spenser, suertsje, tenoar. Sy: achter yn de fjirtich, rûn as in kûgel, Skotse rok, figuer korrijerend ûnderguod, eamelkont.

Ja, der rinkelt noch wat yn in âld sok dat likegoed rolje kin.

EDUARD:

Moai. Kom no mar fan dy trep ôf, Frederick! Hoe fier binne se?

CORA:

Kilometerke of fiif, seis noch.

EDUARD:

En wêr is Cora no wer? (*sjocht har dan*) De matrassen moatte luchte. De menukaarten skreaun. De tafels dekt. (*mept mei de skuon op de baly, Klaverveld wurdt wekker. Cora ôf.*) Wêrom-komt-ALLES-ALTYD-op-my-del?

CHARLES:

Alles is regele, menear Zorgdrager. De matrassen binne luchte. De kaarten skreaun. De tafels dekt.

EDUARD:

O. Hmmm. Soa.

FREDERICK:

Ferrek sis. Se hawwe in keeske: Fritzi.

CHARLES:

Húsdieren binne net tastien. Stiet oan it begjin fan de oprit.

KLAVERVELD:
Menear Eduard...

(It motorgelûd stoppet. Eltsenien, útsein frou Klaverveld, sjocht mei spanning de oprit ôf.)

FREDERICK:
Se stopje. Hy stapt út. Hy bynt it hûntsje oan in beam. Hy stapt yn.
(It motorgelûd begjint wer.)
Se spuutsje wer fuort. Moaie Bugatti, sis.

EDUARD:
(teatraal) Wannear sil de grutte Visser ús ferlosse? No ja, nije gasten, nije kânsen.
Eh Charles, hoe dogge we de ûntfangst?

KLAVERVELD:
Menear Eduard...

EDUARD:
(docht as heart hy har net) It siicht hjir...

KLAVERVELD:
Menear Eduard.

EDUARD:
Ah..., mefrou Klaverveld! Noflik iten?

KLAVERVELD:
Ah menear Eduard. Wat attent fan jo. Wat tafallich dat jo dat no freegje. Dogge jo my mar in healsean aaike, in bakje grottebrokkebrij en in bekerke palm..beam..
(Se sjocht de kelner mei twa fingers yn de kiel wizen en sjocht der wer fanôf.)
Dogge jo my mar in gleske bronwetter.

EDUARD:
(knipt nei de kelner, wiist op tafel)
Charles. Ien wetter, tafel tolve.

(De kelner toveret in glês wetter út de binnenbûse en set it foar mefrou Klaverveld. Cora op mei in grouwe bonke yn de hân)

CORA:
Sjoch noris wat ik yn de keuken fûn ha!

EDUARD:
Wat is dit? It restant fan trije byfstik?

FREDERICK:
Glêd fergetten. Dy ha'k fan 'e moarn fûn, op de boaiem fan it rafyn. Eduard, dit is de missing link!

EDUARD:
Do hast yn it rafyn west? Hielendal allinnich?

CHARLES:
Hearen, de gasten. Ik stel de kâlde kalkoen-behandeling foar. Hearen, binne jim der klear foar?

FREDERICK:
Ja,ja, momint. Ik tocht, lit ik ris sjen. En doe fûn ik syn grêf.

EDUARD:
Waans grêf? Wat beuzelst no?

CHARLES:
Hearen, ik tink net dat dit it moment is...

FREDERICK:
Fan Visser, fansels. Hy is dea. Hy komt net werom. Wy binne frij, Eduard!

(By it hearen fan de namme Visser falt in djippe stilte)

EDUARD:
Frij?

FREDERICK:
Voilà! *(hy mept mei de bonke op de baly)* Kassywijle. Nei de barrebysjes. Visser exit.

EDUARD:
Visser? Dit?

FREDERICK:
Ja. Foar in part.

EDUARD:
Foar in part?

FREDERICK:
Foar in part. Gedeeltelik.

EDUARD:
Wêr is de rest?

FREDERICK:
Wit ik it. Dêr erges.

EDUARD:
Wêr?

FREDERICK:
Fuort.

EDUARD:
Fuort?

FREDERICK:
Dêr erges. Dit ha'k fûn.

EDUARD:
(*rûkt oan de bonke*) Visser, hin?

FREDERICK:
Fan wa oars?

EDUARD:
(*sarkastysk*) O, der lei in briefke by, tink?

FREDERICK:
(*hellet briefke út de bûse*) Ja. Hjir.

EDUARD:
(*lêst*) "Stof biste en ta – ". Wat stiet dêr?

CORA:
'ta jo tsjinst'.

FREDERICK:
'Visser'. Dêr stiet 'Visser'.

EDUARD:
"Stof biste en ta Visser"? Wat is dat foar wartaal?

CHARLES:
(*foarsichtich*) It soe it plak wêze kinne dêr't dy menear Visser syn skonk begroeven hat.

EDUARD:
Syn skonk?

FREDERICK:
Hokker skonk?

CHARLES:
It linker. Of it rjochter. Ik gean ôf op wat jo beiden my ferteld ha. Nei dat ûngelokje fan jo beiden hie hy doch noch mar ien skonk? .

EDUARD:
Ja,ja, dat skynt sa. Frederick, do hast de skonk fûn dy 't wy der ôfriden ha. De rest fan 'e man is noch hieltiten – op 'e rin.

CORA:
Leit it him oan my of is dit net te folgjen?

CHARLES:

In goed jier lyn, doe't menear Zorgdrager en syn broer noch net de behearders wiene fan dit hearlike kuuroarde , sjeesden se mei 180 km yn it oere ûnbesoarge lâns 's Hearen dreven, oan 't op in ûnferhoeds momint – boem, pats –

EDUARD:

Dat hoecht dat mins doch net allegear te witten. Boppedat ha we dat no net oan tiid.

CHARLES:

- der in griis âldman mei wyt burd de dyk oerstuts.

FREDERICK:

No ja, we tochten dat hy in burd hie. Hy rûn hiel hurd.

CORA:

En doe?

CHARLES:

De bêste man pakte syn skonk op en bonkelde fuort. Foetsy.

CORA:

Hoe is 't mooglik!

CHARLES:

Dus de bruorren riden soargeleas fierder yn har bolide, want ja, wat soesto dwaan? Mar doe 't se dêrnei hjir fluitsjend oanleine foar in flaubyt, hiene se te krijen mei de advokaat fan dizze menear Visser.

EDUARD:

Charles, de gasten ...

CHARLES:

En lit dy menear Visser no tafallich de eigner fan Hotel Kuuroarde De Râne fan it Ravyn wêze.

CORA:

Tsss!

CHARLES:

En dy saakwaarnimmer, in mânske fint mei in manke poat (*de beskriuwing komt oerien mei de akteur dy 't ek Rocky Valentino spilet*) lei de earme broers in simpele kar foar: of tweintich jier de bak yn fanwege te hurd riden, poging ta moard, trochride nei in ûngemak en fuortgean sûnder in konsumpsje te beteljen – òf foar ûnbepaalde tiid it behear oernimme fan dit skitterende kuuroard.

CORA:

Hin?

EDUARD:

Charles, kop ticht! Genôch no. De gasten...

CHARLES:

Jo hoege je dêr net foar te skamjen, wol? Soks kin elkenien oerkomme.

FREDERICK:

Koart troch de bocht, mar sa wie it, wier.

CHARLES:

De broers ha der in pynlike, mar tige libbene herinnering oan. Se sjogge him noch ferdwine achter de hoarizon. Wylst hy hinkelepinkjend op ien foet yn noardelike rjochting ôfsette, ferskynde der in prachtige reinbôge boppe syn keale plasse.

FREDERICK:

Krekt, krekt. 'Ik kom werom' klonk syn ferwaaide stim yn de wyn. 'Ienris binne jim frij, frij, frij...'

CHARLES:

(abrupt) Genoch luld, Frederick. De gasten binne yn oantocht.

(sjocht troch fierekiker)

Dy binne ek dúdlik sykjende.

EDUARD:

Goed. Hoe pakke wy it no oan?

KLAVERVELD:

Ik fûn it in moai ferhaal, Charles.

CHARLES: *(hy massearret Klaverveld wer dy't fuort as in blok yn sliept falt)*

Ik stel foar de kâlde kalkoen-behandeling. Menear Frederick set yn troch it midden, jo splite op healwei en Cora assistearret my by it opstellen fan in behandelplan.

FREDERICK:

Leuk, leuk!

EDUARD:

Goed. De kâlde kalkoen, dy leit my wol. No, sjoch datst weiwurdst.

(Eltsenien ôf, útsein Klaverveld, dy snoarket mei de holle op tafel)

Sêne twa

(Yntusken is it lûd fan de motor ta orkaansterkte stiigd. Dan piipjende bannen en in ôfslaande motor. Stilte. Fiif, seis slaande autodoarren. Even letter komt it pear Hausmacher op. Se rinne beide mank en drage in racebril, wyt sjaaltsje en âlderwetse sportive klean. Hy in drollefanger mei rútsjesspenser, sy in Skotse plissérok mei opmerkelijk stevige kûten. Hy draacht in oantal koffers, sy in hantasje. De hiele sêne bliuwe harren hollen ûnbeweechlik op it boppeliif stean, oft se no nei wersiden draaie, nei boppe of ûnder sjogge.)

HERBERT:

Sa. Dat wie in rjochte dyk, sis.

HERMINE:
Dat wie seker in rjochte dyk. Sels foar in oprit.

HERBERT:
In oprit moat fansels rjocht wêze.

HERMINE:
Fansels, in oprit moat rjocht wêze. Mar sá rjocht.

HERBERT:
Oars is it in ôfrit. In ôfrit is noait rjocht.

HERMINE:
Dan wie dit seker in oprit.

(se sjogge om har hinne, sjogge mefrou Klaverveld)

HERMINE:
Sitte wy hjir goed, Herbert?

HERBERT:
Miskien dat wy hjirneist wêze moatte.

HERMINE:
Hjirneist? Dan moatte wy dy hiele oprit wer ôf.

HERBERT:
Wurdt it doch noch in ôfrit.

HERMINE:
Der is der te rjocht foar. Wat is der mei dyn skonk?

HERBERT:
It sliept. Wat is der mei dyn skonk?

(Se besykje wat better te rinnen mei har sliepende skonken.)

HERMINE:
Mefrou, binne wy hjir by Hotel-Kueroarde De Râne fan it Ravyn?

KLAVERVELD:
(dreamt) O, menear Eduard! Drumsticks, wat hearlik. Fleane jo in eintsje mei my op?

HERBERT:
Wy wolle in oare draai jaan oan ús libben.

HERMINE:
In draai, Herbert. In draai.

HERBERT:

Dat sis ik, Hermine.

HERMINE:
Do seist òare draai Herbert.

HERBERT:
No èn?

HERMINE:
'No èn' soene wy net mear sizze.

HERBERT:
(tsjin mefrou Klaverveld) Dat dêrom wolle wy ús libben in óare draai jaan. Sis ik it sa goed, Hermine?

HERMINE:
Nee, Herbert. Seist it wer fout.

HERBERT:
(tsjin mefrou Klaverveld) Begripe jo wat ik bedoel?

(Se sjogge Eduard foarbyslanterjen, noas yn in dokument.)

HERMINE:
Menear...

EDUARD:
Hm-hm?
(sjocht net op, bongelt troch. Stilte.)

HERMINE:
It moat hjir razende drok wêze.

(stilte)

KLAVERVELD:
Dêr rint menear Frederick de ôfgrûn yn. En dêr in fjild asperzjes mei ham!

HERMINE:
Se dogge hjir seker swiere gefallen.

(Frederick is ûnopmerkt achter de baly ferskynd. Hy slacht de Hausmachers in skoftke acht en ropt dan te lûd)

FREDERICK:
Tank foar it wachtsjen. Wêrmei mei ik jo fan tsjinst wêze?

HERBERT:
Wy eh...

FREDERICK:

Prachtich! Wolle jo dan earst dit formulier ynfulle?

HERBERT:

Mar, meie wy earst –

FREDERICK:

Moat kinne. Jo krije in keamer op it suden mei folle bar en GJIN skieden bêden.

HERMINE:

Gjin skieden bêden?

FREDERICK:

GJIN SKIEDEN BEDEN, ja?

HERBERT:

O. No ja, miskien dat gjin skieden bêden ek wol...

FREDERICK:

Berop?

HERBERT:

Berop?

HERMINE:

Watst dochste.

FREDERICK:

(hy fult wat yn, suchtet) Tocht ik al.

HERBERT:

(lêst mei) Jawis. Autohanneler. Hoe riede jo dat sa?

FREDERICK;

Twaddehâns?

HERMINE:

Herbert, ik leau doch dat ik leaver skieden bêden –

FREDERICK:

En docht sy ek noch wat foar de kost?

HERBERT:

Eh.. Pardon?

FREDERICK:

De frou.

HERBERT:

Myn frou?

FREDERICK:

Echt wurk. Betelle. Al is it mar op de rêch.

HERMINE:

Jo toan befalt my net hielendal, jongeman.

FREDERICK:

Aha. Ik hear it al.

(fult yn) Lo-go-pe-diste.

HERMINE:

No ja sis.

HERBERT:

It is wol knap, Hermine.

HERMINE:

(sist) Dat hie ik by de reservearring al –

FREDERICK:

Paspoart? Bankrekken?

(fisket underwylst twa paspoarten út Herberts jasbûse)

HERBERT:

Hee, sis!

FREDERICK:

(goait de paspoarten achter de baly en skriuwt op)

Krekt. H.K. Hausmacher en H.G.B. Hausmacher-de Broeck.

HERMINE:

Herbert!

HERBERT:

Ja, sa is't! Ik woe doch even sein hawwe –

HERMINE:

En wy wolle gjin ûnskieden bêden.

FREDERICK:

Ald?

HERBERT:

Ald?

FREDERICK:

Hoe?

HERMINE:

Hy bedoelt hoe âld. Hear noris, menear...

FREDERICK:

(fult yn) Achtenfytich. Tsjongejonge. No ja, better let as net.

HERBERT:
Dit giet my gewoan te hurd.

FREDERICK:
En sy?

HERMINE:
Menear! Gjin ûnskieden bêden. Skriuwe jo dat mar op. En in frou freegje je net nei de leeftyd.

FREDERICK:
Sá âld? *(fult yn)* Tsjongejonge. De medyske wittenskip stiet foar neat.

HERMINE:
De brutaliteit!

FREDERICK:
(hâldt in kaai mei label foar Herbert)
Goed ûnthâlde: keamernûmer! Wat stiet dêr?

HERBERT:
(pakt kaai) O. It keamernûmer. Eh.. 35.

HERMINE:
Jo dy kaai werom, Herbert.

(Herbert sjocht nei Frederick dy't in knikje rjochting Hermine jout. Hy jout ûnderhearrich de kaai oan har. Sy wol dy oan Frederick werom jaan, dy't har in nije kaai foarhâldt.)

FREDERICK:
Tagelyk oerstekke. *(se wikselt fan kaai, wêrnei't Frederick de earste kaai weromjout oan Herbert. Se ha no dus alle twa in kaai.)*
Skieden keamers dan mar? Jo ha 35. Sy sit yn it sûterrain. Hast ek gjin lêst fan har gesanger. Dogge we it ûnskieden bêd at se ûntaid is.

HERMINE:
(stamp) Wa miene jo wol net dat je binne? Dit is der fier bytroch, fier bytroch. Herbert, wy geane. Ik bliuw hjir gjin minuut langer. Pak de koffers. Ik lit doch net oer my hinne wâdzje. Ûnbeskamsum. Dit is te bot, te bot. As jo mar net tinke dat ik dit oer myn kant gean lit.

FREDERICK:
(jout har in oar formulier) Klachten graach skriftlik yntsjinje.

HERMINE:
Nee, ik wol gjin klacht yntsjinje. Ik wol dat jo je ekskuzes oanbiede foar jo gedrach.

FREDERICK:

Kakmadam. Puddingtaart. Kâlde theepûde. Utsakke blubberbult.

HERMINE:

Dit is it toppunt. Dit pik ik net! Ik lit dit net oer myn kant gean. Ik tolerearje dit net, menear. Herbert! Slaan him op de snút!

FREDERICK:

(keart Herbert de wang ta) Gean dyn gong.

HERBERT:

Moat dit no sa?

HERMINE:

Ik gean.

(as se by de doar steane klinkt in lûde botsing)

HERBERT:

Wat wie dat?

FREDERICK:

Ach, wat spitich no. Us stazjêre. Kin noch net sa goed ynparkeare. Wat wie it? in Bugatti Type 35 fan 1924? No ja, dêr is net in protte oan ferlern.

HERMINE:

Herbert, doch wat. Ik wol hjir wei.

FREDERICK:

Wêr wiene wy? O ja, soest my in dreun jaan. *(keart him it wang wer ta.)*

HERBERT:

(tsjin it gûlen oan) De Bugatti...de Bugatti...

FREDERICK:

Toe dan, lul.

HERMINE:

Kom op, Herbert!

KLAVERVELD:

Kinst it, Herbert!

HERBERT:

Menear. Ik fyn wol dat myn frou in punt hat.

FREDERICK:

Wat bist in dweilstik, Herbert. Wat in bonkeleas, slapjanich siden himpke.

HERMINE:

Dit giet te fier. Dit giet echt te fier.

HERBERT:
Ja, dat fyn ik ek.

FREDERICK: *(tsjin Hermine)*
O. Woest soms beweare datst it net mei my iens bist, wynpûde? As ien dizze fodde wol in bonkeleas, slapjanich siden himpke fynt, dan bisto dat wol, Hermyntsje.

HERMINE:
Ik hoech my net ta skellen te ferleegjen.

FREDERICK:
Neam ik har by de namme, is it wer net goed. Wist wat it is mei dy, Hermiona? Soest ris in goede beurt hawwe moatte. Op in ûnskieden bêd. Meist dy de hannen tichtknipe dat der erges djip yn dizze griemerige wynfaan noch in skitebytsje pikky sit dat op sa'n foarmeleaze baal modder as dy krûpe wol. Mar wat wol madam de lo-go-pe-diste? Skie-den bêd-den!!

HERMINE:
(yn triennen) Ik wol nei hûs.. Ik wol nei hûs.

FREDERICK:
As is it dêr better.

HERBERT:
Dat liket my ek better, Hermyntsje. Mar de Bugatti. De Bugatti!

FREDERICK:
Dy is dochs fersekere.

HERBERT:
Hoe kinst in stellen auto no fersekere? Giet der hjir ek in bus, menear?

Sêne trije

Eduard swierich op mei in blêd mei twa cocktailglêzen derop.

EDUARD:
Aah! De Hausmacherkes binne arrivearre! Fan herten wolkom yn Hotel Kueroarde De Râne fan it Ravyn. Wy ha sà nei jo komst útsjoen, jo kinne it je net yntinke. Menear Hausmacher! Eduard F. Zorgdrager is de namme *(jout him de hân en in glês)* En in wolkomsdrankje út namme fan my en myn broer Frederick giet der grif wol yn.
Menear Hausmacher, wat sjogge jo der noch patent út nei sa'n swiere reis. Ah, en mefrou Hausmacher-de Broeck! Hie'k jo suver oer de holle sjoen, hoe kin't net? Nimme jo my net kwea-ôf dat ik jo even wachtsje liet. Myn broer Frederick E. Zorgdrager hat jo gelokkich al opfongen, ja? Hoe meitsje jo it?
(jout har ek de hân, dan twa tuten op it wang en it glês) ik hoopje dat jo man hjir my de ûnfoechsumens ferjout, mefrou, mar jo sjogge der noch kreazer út as troch de tillefoan. Wer-ke-lik. Doe't ik jo oan de lijn hie, doe tocht ik noch, dit is no in frou mei klasse. Mei alluere. Mei styl. Soks héarre je. As je der each foar hawwe, teminsten.

En doe't ik menear Hausmacher hjir sa stean seach, doe wist ik it seker. Minsken werfan't de inerlike rêst en uterlike skientme hast fan yn lykwicht binne, dy binne seldsum. En dat lêste bytsje lykwichtleazens strike wy hjir graach glêd. Ja, ja, as je der it juste sintúch foar hawwe, lykas ik, dan fiele je by jo beiden in... ja, in soarte fan 'je ne sais quoi', in 'joie de vivre', in trilling, in tinteling, in gloede.

KLAVERVELD:

(dreamt) O, menear Eduard, wat sizze jo dat wer moai!

EDUARD:

Fansels draacht hjir yn it kueroarde it klimaat, de ambiance, ik soe wol sizze wolle, de nestrook ek in stientsje by. It is wat yn de atmosfear. It hinget yn de loft. Dêr bin'k fan oertsjûge. Dit plak – jo sille it fernimme – hellet it bêste yn minsken nei boppe. Dy bringt oan it oerflak, wat lang, al te lang, djip yn har bedobbe lei.

KLAVERVELD:

Elk wurd út syn mûle is in drip huning foar de siele.

EDUARD:

Dat is wat ûnútsprekkeliks. It is grutter as wysels. Mar wat klets ik hjir doch. Ha jo in noflikke reis hân? It paad net bjuster west? Koene jo it maklik fine?

(stilte)

HERMINE:

Menear Zorgdrager. Wy geane.

(Der falt in lange izige stilte. Eduard sjocht strak fan Hermine nei Frederick, fan Frederick nei Herbert en wer werom.)

EDUARD:

Géan!?! *(stilte)* Frederick?

FREDERICK:

Eduard?

EDUARD:

Is it wer safier?

FREDERICK:

Jawol.

EDUARD:

Koest de hannen wer net thúshâlde?

FREDERICK:

Nee.

EDUARD:

Hast 'im rekke?

FREDERICK:
Under de gurdel, Eduard.

EDUARD:
En har?

FREDERICK:
Under en boppe.

EDUARD:
Rekke of taaste?

FREDERICK:
Beide.

EDUARD:
Unfatsoenlik?

FREDERICK:
Unfatsoenlik. Earst gong ik mei myn hân ûnderyn –

EDUARD:
Sparje my. Gjin details. Ik sjoch it al foar my. Wist wat wy ôfpraat hawwe ast dy net lichamelik behearskje kinst?

FREDERICK:
Ik wit it.

EDUARD:
Bist op proefferlof en dit is no de...*(tinkt nei)*

FREDERICK:
(telt) De sande kear.

EDUARD: *(rôlet de mouwen op)*
De sande kear. Myn geloksgetal. Goed. *(tsjin de Hausmachers)* Wolle jo in stapke oan de kant dwaan.
(Hy stoarmet op de ôfwachtsjende Frederick ôf en beukt him yn de mage. Frederick klapt dûbeld en falt oer de grûn. Eduard skopt him yn de búk en gesicht)

FREDERICK:
Tank. Tank.
(hy strompelt achter de baly wêr't Eduard trochgiet fan skoppen en op him springt. De Hausmachers sjogge ûntset ta. Mefrou Klaverveld wurdt wekker.)

KLAVERVELD:
Menear Eduard. Ik sil even te kuierjen.

EDUARD:
Fansels mefrou Klaverveld. It is hearlik waar bûten.

(Klaverveld ôf. Eduard dy't even stoppe, giet troch mei spingen. Stoppet dan en noeget Herbert mei in brede swaai út)

EDUARD:

Menear Hausmacher, mei ik jo fersykje? Asjeblyft.

(Herbert sjocht wifeljend fan Eduard nei Hermine)

FREDERICK:

Asjeblyft! Asjeblyft!

(Herbert jout Frederick achter de baly in lyts skopke)

Au! Tank! Tank!

HERMINE:

Herbert! Stop! Dit slacht nerges op. Hy hat ús allinnich mar útskeld.

EDUARD:

(sjocht ferskikt op. Lange stilte.) Huh!? Wat sizze jo? Allinnich mar útskeld?

HERBERT:

Jawol. Mar likegoed!

EDUARD:

Jo wolle wol lichamelik geweld brûke tsjin ien dy't him allinnich mar gean liet yn.. yn.. wurden..?

HERMINE:

Jo binne sels begûn, net?

EDUARD: *(wiist op Frederick en himsels)*

Myn broer en ik hiene in ôfspraak.

HERMINE:

Ja, dat..dat..witte wy ommers net?

HERBERT:

Jo broer gong te fier menear. Echt wier.

HERMINE:

Freegje it him mar.

EDUARD:

Dat binne ommers allinnich mar wurden. Slane wy inoar de harsens yn omdat der ien – lucht ferset dy't ús net sinnicht? Giet dat dan net te fier?

HERMINE:

It wie oars slim, slim misledigjend wat er sei, menear. Mar ik ha myn nocht hjirfan. Wy geane. Kom Herbert.

EDUARD:

Nee, nee, nee. Wachtsje even. No wol ik it witte ek. Jo wiene dus ree om lichamlik geweld te brûken omt jo je misledige fiele, kwetst, fan't hynder? Mei ik it sa gearfetsje?

HERMINE:
Eh.. ja.

EDUARD:
Ik kin jo net gean litte, sûnder dat wy dit ta jo folle tefredenheid oplost hawwe. Ik sykje dit oant de boaiem ta út. Frederick, hasto dizze minsken misledige?

FREDERICK: (*komt bloedzjend boppe de baly út*)
Jawol, Eduard. Djip.

HERBERT:
Hy jout it ta.

EDUARD:
En wat hast dan wol net sein, Frederick?

FREDERICK:
Ik...ik ha...au... Ik ha besocht, dizze minsken te wizen op.. Au. Besocht te wizen op...op har minsklike...swakheden. Har karakter...karakterswakte. Derfoar...au... komme se hjir ommers...Net?

HERMINE:
It giet om de manier wêrop.

EDUARD:
Ik kin der persoanlik net goed oer as minsken in sin eindigje mei in FOARsetsel. 'Hâlde fân, de manier wêrop'. Grouwélich. It is in FOAR- en net in ACHTERsetsel. Dat woe'k kwyt. Wat wie der mis mei de manier wêrop't Frederick jo wiisde op tekoartkommings dy't wy ommers allegear hawwe? Jo binne hjir doch kommen om better te wurden?

HERBERT:
Dêrom hoecht er noch net fuort te skellen.

EDUARD:
En jo hoege ek net fuort te skoppen.

FREDERICK:
It wie...au...wi...té...konfrontearjend. De wierheid hat in...au...skel lûd.

EDUARD:
Dat as ik it goed begryp hat dy earme Frederick hjir jo wat provosearre, mei de bedoeling om de swakke kanten fan jo karakter nei boppe te heljen. Sadat jo dy ûnder eagen sjen kinne en josels wearberder meitsje kinne. Ik kin my sa yntinke dat er jo, menear Hausmacher, in bonkeleas siden himpke neamde, sis mar: in slappe lul – mar dat binne fansels myn wurden – sadat jo ris de kâns krigen om no in kear jo mantsje te stean en om bygelyks jo frou hjirre, mefrou Hausmacher – dy't derút

sjocht as in útblubbere baal modder, mar troch wa't jo je ûnderwilens wol geduerich op de kop skite litte – mar dat binne fansels myn wurden – dat jo har ris in feech út de pan jaan soene. Ris even goed fan ûnder út de sek en dan mei it bleate gat en rampetampend op in ûnskieden bêd de sande himel ynskeat, om dêr tusken de stjerkes fan it ferwulft sûnder ein uze lytse, mizerige, ikkepikkeporrekes te ferliezen en ien te wurden! Ien mei inoar! Ien mei it hielal! Ien mei de net te kearen oanstoarmjende dea! O Grutte Visser, kom ta ús!

(wer by sûp en sturt.)

Fetsje ik it sa wat goed gear?

HERBERT:

Eh.. Jawol. Yn sekere sin wol.

HERMINE:

Ik kin net mear. Ik kin net mear. Ik kin net mear.

Sêne fjouwer

Fan ferskillende kanten klinkt applaus. Mefrou Klaverveld komt entûsjast klappend op; Charles klapt beskaafd, in klemboerd ûnder de earm. Cora servearret drankjes.

CHARLES:

Fan herten tank, elkenien.

KLAVERVELD:

Jo wiene gewêldich menear Eduard. Giet it wer in bytsje, menear Frederick?

(in montere Frederick wist de bloedsporen fuort mei keukenspapier. Neist de rôle sjogge wy in flesse ketchup.)

CHARLES:

Ik stel foar dat wy dit evaluatearje nei it jûnsmiel. Mei nammen wat it gebrûk fan de funksjerolwikseling oanbelanget, de ydentikaasjebehoefte en de affektive geweldsspiraal binne der wat ferbetterpunten. Wol wol ik op foarhân fan de gelegenheid gebrûk meitsje om menear en mefrou Hausmacher lok ta te winsjen. De erfaring leart dat sa'n earste sesje der behoarlik ynhakke kin, seker mei in swakke persoanlikheidsstruktuer as dy fan harren. Oan de oare kant ha'k der it folste fertrouwen yn dat hjoed de basis lein is om op fierder te bouwen en dat der genôch ferdjippingsmooglikheden binne foar selsrefleksje en de befrijing fan ús selsleaze ik út de ketlings fan falske fatsoensnoarmen en ferfoarme selsbylden.

Jo reis yn de takomst is begûn. Hoe fiele jo je no?

HERMINE en HERBERT:

Ik...uh. Wy...uh. Wat, wat...

CHARLES:

Dat seit mear as wurden útdrukke kinne.

EDUARD:

(heft it glês) Herbert! Hermien! Ut namme fan de direksje fan De Râne fan it Ravyn
èn it hiele team: sûnens!

ALLEGEAR:
Sûnens!!

(Frederick barst út yn in positief liet, lykas 'Somewhere over the rainbow'. Nei de earste rigel falt de rest yn. Mefrou Klaverveld slacht de earm om Hermine hinne. Eduard om Herbert, sadat sy ek twongen wurde om mei te sjongen.)

FREDERICK: *(sjongt)*
Somewhere over the rainbow..

ALLEGEAR: *(sjonge)*
Way up high,
There's a land that I heard of
Once in a lullaby.

Somewhere over the rainbow
Skies are blue,
And the dreams that you dare to dream
Really do come true.

(Ensfh. Foar it ein fan it liet kapt Charles abrupt ôf.)

CHARLES:
En dan woe ik no graach even it programma fan moarntemoarn trochnimme. Mefrou Klaverveld-Zonderman en Hermine Hausmacher-de Broeck steane op dieet, dat dy hawwe korfee. Herbert kin houthakje en as er klear is mei de reparaasje fan de Bugatti begjinne. Dan begjinne wy de dei om healwei sân en mei in kâld wetterwarming-up oan healwei alven. Dan in licht tarwesimmel-mei-spek-moarnsiten. Fan ketier foar alven oant ien oere is yn De Râne fan it Ravynreaasjeseal de kursus effektyf kwetse. Rauwe biten middeisiten oant healwei twaen en dêrnei sil myn alter ego lieding jaan oan de workshop persoanlikheidsferfalsking. Fragen? Nee? Dankewol. Noflike foartsetting.

(tsjuster)

Twadde bedriuw

Sêne ien

(In wike letter, moarns op it terras. Herbert Hausmacher hakket houtsjes, dat wol sizze: hy twifelt mear as dat er hakket. Cora blêdert en ûnderstreekt wurden yn in boekje mei de titel: 'Zen foar houthakkers'.)

HERBERT:

Mar de fraach is: 'Wat is tafal?'

Stel, ik hakje dit stik hout midstwa, it springt fan it blok, karambolearret troch de loft en krekt asto foaroer stiest te fiterjen wurdst fol op de plasse rekke troch de spliten helte – wêrnei'st – ik sis even wat – allinnich noch mar aria's fan Pucini sjonge kinst. Is dat tafal? *(de Klusjesman skoddet fan nee)* Ja, seisto - foar safier'st noch prate koest, mar kinst allinnich noch mar aria's fan Pucini sjonge. Mar às't noch prate koest soest sizze: ja, in ûngelokkich tafal! Mar do heardest dy aria foar it earst – ik siz mar even wat – doe'sto trystich mimerjend ûnder it finster fan in buorfamke te lústerjen stiest, op wa'st stikum ferliefd wiest. Bêst, seiste - ast noch prate koest, mar dat kinst net – is it dan gjin tafal datsto, ik dus, hjir, no, op dit stuit, dit ein hout yn midstwa kleau, wylsto krekt in praatsje makkest mei my en dat dy iene helte fan it midstwa kleaude stik hout dy, wylst fiterst, presys rekket op dyn Pucini-plak, dyt'st foar it earst... ensafuorhinne, ensafuorhinne. Is dat dan gjin tafal? Nee, leare ús de filosofen. It is neat oars as ien grut barren yn in komplekse ketling sûnder ein fan oarsaken en gefolgen. It is folslein sinleas, totale willekeur, it slacht hielendal nerges op. Mar it is bittere needsaak.

CORA:

(lêst en ûnderstreeket yn tekst) Tafal is dy needsakelike gearrin fan omstannichheden dy't har tafallich oan ús begryp ûntlûkt.

HERBERT:

(hakket) Krekt!

CORA:

Jo moatte se net te lyts meitsje, want dan hawwe jo tefolle wurk.

HERBERT:

Hm. Miskien hakje ik de dingen te lyts. Moat ik mear each hawwe foar it grutter ferbân. Mar dat grutter ferbân knypt my no just ôf. It idee dat alles wat ik om my hinne sjoch - do, iksels, de wolken, de sinne, de stjerren, sels de Bugatti - dat al dy dingen der in kear NET wiene en der in in kear NET mear wêze sille – dat is in ûnferdraachlike gedachte. Mar noch folle ûndraachliker is it idee dat dat alles der yn ien as oare stompsinnige foarm WOL al miljarden ieuwen west hat en yn wer in oare foarm ek noch miljarden ieuwen bestean sil – allinnich mar omdat dit ivichduorjend Alles oandreaun wurdt troch in net stil te setten flipperkast, in megamikser wêryn't elk ding hyltyd fan himsels skieden wurdt om wer yn in oare foarm oan inoar plakt te wurden – dat, dat, dat, dat besef *(pausearret even achter de pûst)* – dat hat my as autoferkeaper de syktewet yndreaun. Oaren kinne mei dy gedachte miskien rêstich op in berchtop sitte of op sneintemoarn in aaike kopje, mar ik reitsje ferlamme as ik tusken ien kear sâlt skodzje oer myn aaike en in mooglik twadde kear sâlt skodzje

oer myn aaike troch de heislike gedachte troffen wurdt dat – hoe't myn beslút ek útfalt: ien as twa kear skodzje – dat neat út te stean hat mei wa't ik bin, of hoefolle sâlt ik op myn aai wol, mar puer en allinnich mei ien as oar neikommend effekt fan de oerknal.

CORA:

'Frijheid is dy needsakelike gearrin fan gedachten en gefoelens wêrfan't de oarsaak him tafallich oan ús begryp ûntlûkt'.

HERBERT:

Krekt! Dus: frijheid is tafal. En tafal bestiet net. We neamet it sa, om't we de wurklikheid net begrype. (*Hij hakket einlings - raak.*)

CORA:

Jo krije de slach te pakken. Noch mar ien.

HERBERT:

Mar wêr bliuwt Herbert Hausmacher yn dit skimenspul? Sân dagen lang hakje ik hjir no de houtsjes foar it bio-fornús, mar ik wit noch altyd net wa't ik bin, wêrom ik bin – óft ik wol bestean. Die gedachte spjaltet my geastlik midstwa.

(Hy wol slaan, mar foar dat de bile delkomt falt it stik hout op it hakblok yn twa parten útien.)

CORA:

'It Ik is dy needsakelike gearrin fan gedachten oer ússels dy't wy by tafal yn de holle oantrefte oan de iene kant en oan de oare kant dat wat wy by tafal sjogge yn de spiegel as wy yn bad geane'.

HERBERT:

Is it net treurich? De houthakjende Herbert Hausmacher is in needsaklike gearrin , dy't taffalich ûnbegryplik is. Myn ik is in stik hout dat net wit of it krekt hakt is of noch hakt wurden sil. Wêr hear ik by? Wat is myn needsaak?

CORA:

'Needsaak is dat wat wy by tafal wòl begripe te mienen.'

HERBERT:

Ik begryp it net, ik begryp it net.

CORA:

Wachtsje, hjir stiet in foetnoat. 'Gelokkich begripe wy net sa'n soad. Sadwaande binne wy frij om te wollen' -

HERBERT:

Frij om te wollen?

CORA:

- 'of om wat net te wollen. Net wolle is better. Neat wolle it bêste. Allinne neat wolle befrijet ús út de keatlings fan oarsaak en gefolch.'

HERBERT:

Neat? Jou hjir dat boek, ik hak it midstwa.

CORA:

(springt oerein) Nee, it is fan de bibleteek. Oars krij ik in boete.

HERBERT:

(tryst) Werom fiel ik my net lokkich Cora?

CORA: *(blêdert)*

Gelok, dêr wie ik noch net. 'Gelok is datst sjonge wolst omdatst mienst dat it tafal even ôfwêzich is en alles tafallich sa is as 't wêze moat.

HERBERT:

O Cora! Caro amore mia!

(Hy sjocht har ynkringend oan, steat deun tsjin har oan, wol har. Sy hâldt it boek tusken harren yn, skoddet de holle. Hy giet teloarsteld werom.)

CORA:

Noch efkes trochhakke, menear Haushacker, Jo binne der hast.

(Herbert sucht. Set in nij stik op it hakblok en lit de bile mei in geweldige klap delkomme. It stik hout spat midstwa, wêrby ien helte troch de loft fleacht. Hy sjocht it nei, mar it is út it sicht ferdwûn. Wylst Cora mei iepen mûle der by stiet, begjint er moedeleas syn skoech op it hakblok te fiterjen - oant it stik hout ynienen werom falt op syn holle, wêrnei't er útbarst yn in aria fan Puccini.)

HERBERT:

(sjongt) Cora! Caro amore mia!

CHARLES:

(op) Wat is hjir te rêden?

CORA:

Hy is rekke troch it needlot.

CHARLES:

Wa net? Menear Hausmacher, menear Haumacher! *(hy knypt him yn de nekke wêrtroch't it sjongen even ophâldt)* Komme jo mar mei nei De Râne fan it Ravynreaasjeseal. Dan hawwe de oaren der ek wat oan.

(Herbert sjongend ôf)

Stêffergadering Cora. Moast fan de hearen notulearje.

Sêne 2

(Stêffergadering. Op in flipover stean omsirkele wurden as: lot, needsaak, visser, tafol, ik, leechte, ko, oprit en afrit - ûnderling ferbûn mei yngewikkelde pylken. Op de eftergrûn klinkt sêft muzyk. ('Over de rainbow' of Mieke Telkamps 'Waarheen'). De beide broers stean foar it rût, rêch publyk, hannen op 'e rêch.)

FREDERICK:

Sjoch, in Maserati út '78.

EDUARD:

Soa, dy spuitet der lekker fan troch.

FREDERICK:

En dêr in Mustang, in duo-tone út '64.

EDUARD:

Wêrom binne wy net dêr en sy net hjir ?

FREDERICK:

O, lonkende fiertes! O, ivich wikende horizon!

EDUARD:

Is dat gjin Lamborghini dêr?

FREDERICK:

Wol nee, in Aston Martin Lagonda (*skoft*). Wêrom binne wy altyd tegearre, Eduard?

EDUARD:

Hoe woesto oars Parys – Dakar dwaan?

(Charles komt der yn, folge troch Cora)

CHARLES:

Goeiemoarn menear Zorgdrager. Goeiemoarn menear Zorgdrager.

EDUARD:

No, dat waard tiid. Ik woe it koart hâlde. (*hij slacht flipover om*) Dy stêffergaderings duorje my fiersten te lang. Ik ha mar ien punt: hoe stiet it mei de finânsjes? Binne har rekkeningen al leech helle? (*ynienen hâldt hy stil en sjocht sykjend de keamer rûn*) Ik mis wat.

FREDERICK:

De tafel?

EDUARD:

Ja, de tafel.

CORA:

Dy ha ik fuort helle. Jo woenen de stêfbesprekkings bekoartsje, dat ik tocht... stand is flugger.

CHARLES:

Wurknimmers mei eigen inisjatyf. Dat nimt in soad soarch út hannen, net dan, menear Zorgdrager?

EDUARD:

Just ja. Goed dan. Ik iepenje de gearkomste. (*Cora notulearret as in wyld.*)

Oanwêzich: sjoch hjir. Ofwêzich: Visser. Ferslach foarige gearkomste: sjoch archyf.

Op- of oanmerkings: nee.

Punt ien, finansjen. Ha de Hausmacherkes skood?

FREDERICK:

(*blêdet troch in map*) Har hiele spaarreken ha se doneard. It bliuwt likegoed sneu dat it sa moat, hin?

EDUARD:

It minskdom wol bedrage wurde.

CHARLES:

Sels de bedragers, Eduard?

(*Eduard sjocht lilik syn kant op.*)

FREDERICK:

Neffes my ha se dy Bugatti jatten. Ha se lêst fan skuld-..

EDUARD:

Even ta de oarder Frederick. Ik krij pine yn 't krús.

FREDERICK:

Dit wie it.

EDUARD:

Moai. Omfreegjen? Gjin fragen, dan slút ik -

CHARLES:

Ik ha noch wol in fraach foar menear Zorgdrager.

EDUARD:

(*tagelyk mei syn broer*) Oh nee..

FREDERICK:

(*tagelyk mei syn broer*) O ja?

CHARLES:

Wat fûnen jo no achterôf sjoen fan de ûntfangst fan menear en mefrou Hausmacher? Foar josels, bedoel ik.

FREDERICK:

Kostlik! Hiest dy gesichten sjen moatten, doe't ik achter de baly wei foar't ljocht kaam. Net-te-be-tel-jen..

EDUARD:

It gong wol lekker, ja..

FREDERICK:

Wol lekker? Eduard, wiest noch noait sa sterk. Sa'st my de grûn yn trapest! Wat in geniet om je einlik ris útlibje te kinnen yn de hûd fan in oar.

CHARLES:

Ik freegje it hjirom hearen, om't ik fan 'e moarn it behannelplan trochnommen ha mei de Hausmachers. En de trauma's dy't sy oprûn hawwe, liege der net om.

CORA:

O ja?

(koarte stilte)

EDUARD:

Nammerste langer is der wer in bêd beset.

CORA:

(notearret) Bêd? Of skieden bêdDEN?

CHARLES:

Fansels, wy moatte dit bedriuw finansjeel sûn hâlde. Mar wat as de hear en mefrou Hausmacher in oanklacht oerweegje?

EDUARD:

Wat!?

CORA:

Ien oanklacht of skieden oanklachtEN?

CHARLES:

By de lokale autoriteiten is oant no ta ien mienskiplike oanklacht ynkommen.

EDUARD:

Wat!?

CHARLES:

Se fiele har psychysk maltrêtearre, sizze se.

EDUARD:

(ûntploft) O, en dat ha ik dien? Dat ha ik op myn gewisse? Ja wol ja, sko it my mar wer yn de skuon. Myn rêch is breed genôch foar it leed fan de wearld, hear. Psychysk maltrêtearre? As dochsto hjir wat oars as psychysk maltrêtearjen. Psychysk maltrêtearre is de kwintessens fan dyn metoade!

FREDERICK:

Dêr hat Eduard wol in bytsje gelyk oan, Charles.

CHARLES:

(ûnfersteuerber) Ik wit net oft de Hausmachers der ek sa oer tinke. JÓ beiden hawwe ommers har de stúpen op de lea jage, en net ik.

FREDERICK:

(tsjin it gûlen oan.) Ja mar.. It wie dyn idee, Charles, it wie dýn idee.

EDUARD:

(grypt Charles bij de strôt. Hy wurket him tsjin de grûn en giet op him sitten.) Do hast ús der gewoan ynnaaid, smoarge oplichter. Bedrieger! Do arrogante, selsynnommen stik stront.

Do, krús oan myn skonk. Do, blok oan myn deadskeite.

(Sjoen dat Charles syn inkele wjerstân biedt, hâldt Eduard wurch op, maar bliuwt wol op him sitten.)

CORA:

Sil ik oars de ketchup even helje?

CHARLES:

Jo soenen ris witte moatte menear Eduard hoe bot ik meilibje mei it needlot dat jo beiden treft. Hoe graach soe ik net alle skuld op my nimme wolle. Dan wienen jo derôf. Mar spitich, dizze swiere ferantwûdlikheid rêst suver en alline op jim liedingjouwende skouders.

FREDERICK:

Wat moatte wy no?

CHARLES:

It slimste is fansels dat menear Visser hjir -

(As fan in wesp stutsen springt Eduard oerein)

EDUARD:

Menear Visser! Nee!

CORA:

Wêrom soe dy menear Visser hjir no -

CHARLES:

Menear Visser drige doe ommers ek al mei sa'n oanklacht. Núver hoe 't it tafal, ik bedoel it needlot soms as in boemerang werom keare kin, net? 'L'histoire se repète' sizze de Dútsers.

CORA:

De Dútsers?

CHARLES:

Se prate inoar allegear nei. Mar om mei menear Frederick te sprekken: "wat moatte wy no? "

EDUARD:
Menear Visser.. menear Visser..

FREDERICK:
Eduard, wat moatte wy no?

CHARLES:
Wat moatte jim no, Eduard?

EDUARD:
Ik.. Ik wit it even net mear.

CORA:
Ik ha de Hausmachers dêr hielendal net oer ...

(Mei in finger op de lippen leit Charles har it swijen op. Stilte. Beide broers sakje moedeleas op de grûn. Der kinkt in sacht snokkerjen, wylst har lytse skokjes oer de lea geane. Charles stiet derby om te sjen oft der ek noch wat bart. As dat net it gefal is, suchtet er moedeleas en gebeart Cora om stilwei mei him de keamer út te gear. At se hast fuort binne kroant Eduard:)

EDUARD:
Charles. Charles. Wat moatte wy dwaan?

(Charles suchtet wer en nimt dan syn gebrûklike, formele hâlding wer oan.)

CHARLES:
Sil ik marris even prate mei menear en mefrou Hausmacher, menear Zorgdrager? Miskien dat se wol fan dy hiele oanklacht ôfsjen wolle.

EDUARD:
Goed, Charles.

FREDERICK:
Danke Charles.

EDUARD:
Mar – se hawwe dy oanklacht ommers al yntsjinne. By de plysje?

CHARLES:
Ha'k dat sein? Neeh... Dat ha jo je yntocht. Hè, wat ferfelend. Ik sil gau mei se prate. Tinke jo wol om it diner drekst? De Tantalus terapy.

(Sittend oer de flier makket Eduard fûsten en slacht dermei op de grûn. Frederik idem, mei ien fûst.)

FREDERICK:
At menear Visser hjir achter komt...

EDUARD:
Hý maltrêtearret ús psychysk – hý!

FREDERICK:
Meneer Visser?

EDUARD:
Nee, ko. Hy, hy, hy!

FREDERICK:
O wikende fiertes. O lonkende horizon.

Sêne trije

*(Mefrou Klaverveld sit yn badpak oan in heech terrastafeltsje op in soarte fan barkruk. Foar har stiet in menukaart yn in standerd. Se sjocht der begearich nei, mar doart it ding net oan te reitsjen. Hermine Hausmacher (ek yn wiet badpak en foars dikker as earder) komt oanrinnen. Se yt krekt in kleure spekje en set in mânske sek op it tafeltsje. Klaverveld sjocht it mei pûdeagen oan).
Dit tafriel wikselt letter mei in simultaantoniël mei de resepsjeromte. Dêr sjogge wy hoe't Eduard achter de baly him mismloedich te pletter ferfeelt. Achter him sit in trochjou-lûkje)*

HERMINE:
Dat wie hearlik. Hearlik.

KLAVERVELD:
Hearlik, hin?

HERMINE:
Hearlik. *(se pakt de kaart en bestudearret dy)* Hearlik.

KLAVERVELD:
Hearlik hin?

HERMINE: *(yn gedachten)*
Hearlik. *(stilte)* Ik sit no al fol.

CHARLES: *(op, mei servet om de earm, bloknoat yn de hân)*
Wol dames. Wie dat hearlik of wie dat hearlik?

KIAVERVELD + HERMINE:
Hearlik.

CHARLES:
Wetter spielt it lichem skjin en suvert de geast. Alles wurdt floeiber. Dat is it 'oceanische Gefühl', de ûnderdompeling yn it alles, it totale gearranen mei de wrâld. Lykas yn de oertiid fan ús libben doe't wy noch frij rûn dreaukelen yn it feilige frucht Wetter fan de baarmoeder.

KLAVERVELD:

Ik wurd der wol roppich fan.

HERMINE: *(gong troch mei bestudearjen kaart)*
Sille wy ris in lyts hapke besykje? Wat is it rondo-menu?

CHARLES:
Kin ik jo oanriede. In boeketsje amuses foarôf. Dan marinearre lenderierrehaas fan de ko, lardearre mei fleizige speklapkes en tûfkes frituerde bloedwoarst fan jonge seehûntsjes, ôfmakke mei de kûgel.

HERMINE:
De kûgel?

CHARLES:
Us spesjaliteit. In soarte fan over-sized gehakbal, dy't eartiids wol by belegeringen brûkt waard as it izer op wie. Mar dan fan 't hynder. En in amuse fan de kok. Haha.

HERMINE:
O. is dat net hiel kalory-ryk?

CHARLES:
Dit menu is selektearre út allinnich mar ûnfersadichbare kaloryen. It passet perfekt yn jo foedingslijn.

HERMINE:
O. No dogge jo my dan mar sa'n ...eh, rondo-menu.

CHARLES:
Ik notearje: len rondo ien.

KLAVERVELD:
(hat dit mei grutte eagen oansjoen) Wiene jo net op dieet?

CHARLES:
Ja seker. In fol-fet dieet. *(tsjin Klaverveld)* En wêrmei meie wy jo fan tsjinst wêze?

KLAVERVELD:
Ik? O. Uh. Ik hie ek wol sin yn in uh. *(stoppet as se de twingende blik fan Charles krúst)* miskien in lyts...eh...kûgeltsje?

CHARLES: *(suchtet en massearret har)*
Myn leave, leave mefrou Klaverveld-Zonderman. Ademje jo noris even djip út. Just. En yn. En út. Fan't krús út, mefrou Klaverveld. It moat út it krús komme. Moai sa. Just. Meitsje jo wer kontakt mei jo inerlik ferlet?

KLAVERVED:
(dimmen) Ja, ja. Ik ha kontakt.

CHARLES:
Wat sizze jo fan in hearlik farsk glês meager woartelsap?

KLAVERVELD:

Ja mar – ik tocht ...

CHARLES:

En yn en út. Fan kiel nei krús. Just. Mefrou Hausmacher hjir is op in folfet dieet. (*flústert*) Foar it ôfskrikken, witte jo noch wol. Jo folgje it 'ferjit datst ytst-dieet'. En dat is sa't jo witte in nul-dieet.

KLAVERVELD: (*mat*)

O ja.

CHARLES:

Wy krije allegear it lichem dat wy fertsjinje, mefrou Klaverveld.

KLAVERVELD:

Ja.

CHARLES: (*hâldt op fan massearjen en skriuwt op*)

Prachtich. Dat is dan ien rondo-plus en ien woartel. Wolle jo my eksusearje. (*ôf*)

HERMINE:

Wat akelich no.

KLAVERVELD:

Ach, ik bin 't wend.

HERMINE:

Ik bedoel, ik fyn it sa ferfelend om allinnich te iten. Yn selskip dan. Fan mysels bin'k oars hielendal net sa'n iter, hear. Mar iten sjen, krije je sin fan, net? Ik persoanlik krij pas sin as ik by in oar de sju fan it kin drippen sjoch. Wylst ik omkeard gjin slok troch de kiel krij as ien my it iten fan 't board ôfsjocht. Kinne jo net nei in oar tafeltsje..?

KLAVERVELD:

O. Ja. Fansels. (*sil al fuort*)

HERMINE:

Grapke. Bliuw sitten, fanke. Ik sjoch wol wat it probleem is.

KLAVERVELD:

Iten, hin. Ik kin net sûnder. Charles is myn persoanlik adviseur. Hy seit dat ik libjen leare moat mei de leechte yn my. Pas as ik fysyk en mentaal sjoen folslein leech bin kom ik wer yn kontakt mei myn djipste sels.

HERMINE:

En is it kontakt al lein?

KLAVERVELD:

Jawol, mar wit wurdt hyltyd wer ferbrutsen. Moatst it hyltyd wer op 'e nij lizze, it kontakt. No bin ik hiir ek noch mar in jier as fiif oan it herbronnen. Mar neffens Charles kin ik no elke tel werberne wurde.

HERMINE:

It falt net ta om je libben in oare draai te jaan, mefrou Klaverveld.

KLAVERVELD:

Sis mar Für Elise.

Us heit wie gek op Beethoven. Mar hy koe mar ien nûmer op de piano.

HERMINE:

Elk hús syn krús.

KLAVERVELD:

Myn man sillicher, Cees (*sprek út zees*) Zonderman, sei altyd: ast derfoar stiest, moast dertroch.

HERMINE:

Wêr stie jo man foar?

KLAVERVELD:

Foar't er stoar stie er foar my. As in peal. Of bedoele jo beropsmjittich? Dan stie er foar de oven. Dei en nacht bakke, hin. Banketbakker. Doe't wy trouden hie er in breidstaart makke fan trettjin etaazjes. En witte je wat sa moai wie, wy ieten lykop, hin, Cees en ik. Presys gelyk. Oant wy by de allerlêste kers op de trettjinde etaazje kamen. En lit der no krekt yn de lêste kers in pit sitte. En lit er dêr no krekt yn bleaun wêze. Ik net, mar hy dus wol. (*pinkt in trien fuort*) Moatte jo neigean, ien mei pit. En hy hie 'im earder as ik. Wylst wy lykop giene! En dan sizze de lju wol fan dat is tafal. Mar dat sizze se mar omdat se it even ek net mear witte, foar de skrale treast. Want in pit is noait tafal. Dêr leau ik gjin...eh, snars fan. Yn elke pit sit in wierheid. Dy iene kersepit hie likegoed in doel yn it libben as dy iene banketbakker. Dat se inoar troffen op myn troudei like miskien fataal, ek foar my. Mar it kin net sa wêze dat it gjin sin hie. Dan makkest mar sin, sei Cees altyd. Dat sûnt dy dei bin ik op syk nei de kearn fan de pit. De pit yn my en yn alles wat libbet en bloeit. En yt.
(*beide oandien. Klaverveld suver yn triennen*)

HERMINE:

Tsja. In mins krijt hiel wat foar de kiezzen.

KLAVERVELD:

Ja, ja.

HERMINE:

It is net alles goud wat der blinkt.

KLAVERVELD:

Nee, nee.

HERMINE:

Der is hiel wat stront oan de knikkert.

KLAVERVELD:

Oan de knikkert?

HERMINE:
Ja, oan't hantsje.

KLAVERVELD:
Oan't hantsje?

HERMINE:
Ja. Mar úteinlik komt alles op itselde del. It giet deryn as iten, it komt derút as stront. Wat omheech giet, komt ek wer del. Dat is de hurde kearn fan de knikkert, Für Elise.

KLAVERVELD:
(knapt wer wat op)
Ik kin it net hielendal folgje, mar it is wol hearlik as ien je begrypt. Yt jo man net mei?

HERMINE:
Spitich, hy moat hakje. De moatsjes-therapy. Noch in beam as fiif.

CHARLES:
(werom mei terrine) Ekskuus foar it lange wachtsjen. Sjogge jo ris, mefrou Hausmacher, jo foarôf: sautearre keallewankjes op in bedsje fan lendelapkes yn baarchjessjerp. Twa brette toarteldokes, ôfmakke mei fenineknipen. En frisse salmnoaskes, posjearre yn crème brûlée. Dat giet der wol yn, tocht ik sa.
(Hermine prikt wurch in foarkje fuort, wylst mefrou Klaverveld mei it wetter yn de mûle tasjocht. Under it bestraffend each fan de kelner sjocht se lykswols ôf fan fierdere aksje.)
Jo waartelsap komt der oan, mefrou Klaverveld. Wy moatte noch even skraabje. *(ôf)*

KLAVERVELD:
Dat jo man en jo binne jesels oan it werfinen? En wat dogge jim as jim jimsels werfûn hawwe?

HERMINE:
(mei folle mûle) In draai oan ús libben jaan. Ik hoopje allinnich dat ik my noch weromkin as ik mysels in kear weromfyn.

KLAVERVELD:
Hoe bedoele jo?

HERMINE:
Dat ik sa ûnwerkenber feroare bin dat ik mysels straal foarby rin. _

(Ljocht út op de dames, ljocht oan op de oare kant. Cora feegt de flier of sjocht ris troch de kiker. Eduard sit achter de baly, mismloedich oan de jenever. Achter him sjogge wy in trochjou-lûkje. Charles stiet rizich foar him.)

EDUARD:
Hoe is het met de aanklacht?

CHARLES:
Dat gong net fan in leien dakje. Mar mefrou Hausmacher is ree om de oanklacht foarlopich yn berie te hâlden.

EDUARD:

No, Eddy. (*skinkt himsels yn*) Noch sa'n swurd fan eh... dinges...

CHARLES:

Damokles.

EDUARD:

Dy ja – boppe myn holle. Proast, Visser. (*klinkt mei tinkbyldich persoan yn de loft en drinkt. Sjocht dan Charles wer.*) Besparje my dy blik fol ferwynt, ja? As ik my de goatte ynsûpe wol dan doch ik dat, ja? Dat is myn eigen frije kar, ja?

CHARLES:

Ik sis neat.

EDUARD:

Dat dochst wol. Dy eagen, dy rjochte rêch, dat servetsje om de earm – allegear ien grutte oanklacht dat ik myn ferantwurdelijkheid net nim. Dat ik it foarbyld jaan moat oan al dy sykjende sielen dy't wy it jild út de bûse klopje. Dat dit net is yn de geast fan menear Visser... Ast rist witte soest hoe bot ik wearzge fan dit bedriuw, fan dit hiele bestean, fan mysels, fan elke dei yn dit godferjitte oarde oan it ein fan de wrâld. Wie ik mar fuort. Fier, fier fuort.

CHARLES:

De ierde is rûn. Wy binne allegear even fier fan it midden.

EDUARD:

Besparje my dy kalenderfilosofykes. It is al slim genôch datsto dat goedleauwich fee dy lêberij fan dy troch de strôt triuwst. Ik hoecht it net ek noch in kear fan dy te hearen.

CHARLES:

Is it rondo-menu klear?

EDUARD:

Tinkst datst hjir oan de touwtsjes lûkst hin?

(*rukt it lûkje iepen*) Frederick! Hast dy fette hap no al in kear ûntaaie litten? (*lûkje ticht*)

Dy Visser hat ús der ynstjonke litten troch dit kueroarde te ferpachtsjen oan my en myn broer, mar sûnder ynfentaris binne wy nerges en dat wisto. En wêr bestiet hir de ynfentaris út? In stjerhûs oan de râne fan de ôfgrûn en in slûchslimme glêdjakker – dat is ús goodwill. Do, mei dyn diëtsjes, mei dyn ideetsjes, mei dyn terapykes en dyn persoanlike adfyskes – do bist it hiele wurkkapitaal fan dizze ferflokte kueroarde. Stjonkend jaloersk bin ik op dat ferlichte opljochtersfermogen fan dy – en doch haatsje ik dy, want yn dizze finzenis bisto de .. de kûgel oan myn skonk.

FREDERICK:

(*iepent lûkje, kôget op in woartel*) De kûgels binne op.

EDUARD:

(*poer*) Nee, dy lizze neist de motteballen, omkoal. Moat ik hjir dan alles sels dwaan?

FREDERICK:

O. Ik tocht dat se brún wiene. *(lûkje ticht)*

CHARLES:

Ik tsjinje allinnich wa 't betsjinne wurde wol.

EDUARD:

Ja, ja. En ik tsjinje nerges foar. Proast.

FREDERICK: *(iepent lûkje en skot in dampende skoatel nei bûten wêr't in giftich kleurde gehakbal op leit, de maat fan in grutte foetbal. Hy stoppet it restantsje woartel yn syn mûle)*
Ien rondo, ien.

CHARLES:

Wêr is de woartelsap?

FREDERICK:

Woartelsap?

(De kelner suchtet en draacht it tsjinblêd mei iten op ien hân ôf)

CHARLES:

Ik fersin wol wat.

EDUARD:

Ik walchje fan alles. Ik walchje, walchje, walchje.

FREDERICK:

Dy krij ik net fuort. De ôfsûgkap is defekt. .

EDUARD:

(lûkt him troch it lûkje)

Ik sei: walchje! Net walmje! Walchje!!

(Ijocht út by de bruorren en wer op by de dames, Charles op mei syn tsjinstblêd)

HERMINE:

(mûle fol) Ast ris wistest hoe't ik walchje. Walchje fan myn bestean. Fan mysels. Ik bin bliid dat ik net tsjin mysels oansjen hoech.

CHARLES:

Sa. Boardsje leech? Dat wie smullen. Sjoch ris oan wat wy hjir foar jo hawwe, de kûgel!. *(hy ruilet de boarden om)* Dêr is grif noch in gatsje foar. En mochten jo noch wat ekstra ierappeltsjes, sju of mayonêse hawwe wolle, of in twadde baltsje, dan roppe jo mar.

(rint fuort en keart wer om)

Ach, no ferjit ik mefrou Klaverveld hast. Spitich, de woarteltsjes wiene fuortgongen. Mei ik jo dêrfoar in gleske lariksbast-ekstrakt offrearje? Lariksbast-ekstrakt is resint ít middel tsjin leechrinferdroeging. Tanksij de skerpe tinktuer en hege kaloryske wearde is lariksbast-ekstrakt ek tige heilsum tsjin synchromatyske leeftydsoandwaanings.

KLAVERVELD:

O. No, dat klinkt goed.

CHARLES:

Prachtich. Ien la-riks ien.

(Mefrou klaverveld sjocht him nei en pikt dan gau in hapke fan Hermine's board, mar de kelner, as hat er eagen yn de rêch, draait him op healwei om en tikket har hurd op de fingers.)

En noch in goede fuortsetting.

(hy giet ôf, mar komt aldegeduerichst werom om Klaverveld yn de gaten te hâlden.)

HERMINE:

Witte jo wat myn probleem is? Ik bin net grûne. Ik fiel gjin boaiem. Dêrom moat ik ite, seit Charles. Sûnder gewicht ferflean ik. Nachts dream ik dat ik mysels fleanen sjoch.

KLAVERVELD:

O, ik ek! As in flinter fladderje ik om.

HERMINE:

Dat klinkt teminsten noch romantysk. Ik flean fan hjir nei dêr as in lekprikte ballon. Wêrhinne? Wêrom? Gjinn doel, gjinn benul. Gjinn kar, of ik kom der wer op werom. Ik wit fan foarren net wa't ik fan achter bin en oarsom. Dêr tuskenyn bin ik ien fleiswurden neurose: gjinn rêst, gjinn duer, gjinn grizzel grûn yn myn donder. Ik moat ierdzje! Mar ik bunkerje as in kanon, gjinn anker hâldt my oan de grûn.

(De kelner knikt tefreden. Ljocht út by de dames en oan by de hearen, wêr't Eduard noch altyd syn broer by de strôt hat.)

EDUARD:

Frederick! Wêr binne wy mei oan de gong? Wy binne folslein fan't hynder. Wy steane oan de râne fan de ôfgrûn. Wy moatte hjir wei.

FREDERICK:

Hjir wei? No? Ik bin fergroeid mei myn rol. Ik spylje him hieltyd better.

EDUARD:

Klets net, skyltears. Noch ien dei wellness en ik slaan troch. Dit is gjinn libben.

FREDERICK:

It libben is erges oars.

FREDERICK:

Mar menear Visser dan? As er werom komt en we ha ús skuld noch net ynlost ...

EDUARD:

Dat risiko moatte we nimme. Noch ien dei mei dy ferskrikkelike sjarlatan kelner en it gewisse giet fan it hynder. Wy moatte fuort, broer. Fuort, fuort, fuort. Hearris, ik ha in plan –

(de kelner komt werom)

Alle woartels fuort, Frederick? Mar moarn is sapdei!

CHARLES:

Noch mar sa'n baltsje. As se nei dizze noch net oan de ketting leit wit ik it net mear.

FREDERICK: *(leit mei syn hannen in twadde kleurde bal op in boardsje)*

Ien bal, ien. Toetsje?

CHARLES:

Doch dy kaloryenbom mar.

FREDERICK:

Bedoelst sjokolademousse mei yn rum-cola flambearre pofferkes?

CHARLES:

Bygelyks.

FREDERICK:

Sis dat dan.

(Charles ôf)

EDUARD:

Hearris. Ik ha in plan.

FREDERICK:

Wêrom hasto altyd in plan?

EDUARD:

Om't ik de âldste bin.

FREDERICK:

Wy skele in healoere. En se wurkje noait.

EDUARD:

Asto wat betters wist, hear ik it graach. Harkje -

FREDERICK:

Wêrom jatte wy de Bugatti net? Wy ride nei it oare ein fan de wrâld en begjinne in nij libben.

EDUARD:

(ûntheistere) De Bugatti, huh? Hm. Hast dit sels betocht, Fred?

FREDERICK:

Nee, it kaam gewoan yn my op.

EDUARD:
Mar ferjitst menear Visser.

FREDERICK:
Visser, Visser. Kinne wy dy Visser net gewoan in kear ferjitte?

EDUARD:
Sst.

CHARLES: *(op)*
Is dy moeras-mousse klear?

FREDERICK:
Hat dy in mageperforaasje? Hjir. En elke hap fjirtich kear kôgje. Wolst dat wol even trochjaan, ik kin dit moardzjend tempo oars net byfytse.

CHARLES:
Noch ien, twa gongen en se is plat. *(rint fuort)*

FREDERICK:
Heu, ferjitst wat.
(skoot in amer troch it lûkje. Kelner ôf mei mousse en amer)

EDUARD:
De Bugatti! Briljant! Foar it gefal dat Visser weromkomt ha ik in plan betocht. Hearris
–

FREDERICK:
Sst.

(Cora en Herbert op. Herbert sjouwt in grouwe bult hakke hout, Cora de bile. Cora nimt de houtblokken ien foar ien oer en steapelt se oer de grûn, wylst se trochprate. Eduard en Frederick flústerje oer harren oanpak.)

CORA:
Dat der sit neat oars op as dwaan as bestiet de werklikheid.

HERBERT:
Ja, mar...

CORA:
De sin fan it bestean is in helpstik foar minsken dy't mei it tafal net oerwei kinne.

HERBERT:
Okee, mar...

CORA:
Is de ierde rûn? En it hielal ek? Jo sizze it, mar ik taast yn it strewiel. Oft ik de tún no rûn of rjocht knip, sagau't ik it snoeimes sakje lit, sjit de woartel en groeit it grien my oer de holle.

HERBERT:

Ja, mar...

CORA:

Ik mei graach oer de hage sjen, mar je moatte it eigen túntsje net mear wjudzje wolle as je sels ûnder de siedden lizze.

EDUARD:

Ah, menear Hausmacher! Al wat bekommen fan Pucini? Wat ha wy genoaten. Lekker hakke? Gjin oanklacht? Moarn mar wer in pûnsmiet. *(tsjin Cora, sissend)* Hâld ris op mei dat filosofysk eamelpraat. Toe, lichtsje de matrassen. *(Cora ôf)* Jo reitsje al aardich fergroeid mei it heilsume libbensritme hjir. *(hoeden)* Wat ik jo freegje woe...

FREDERICK:

De kaaikes fan de Bugatti.

HERBERT:

De Bugatti?

FREDERICK:

Wy wolle 'im smeare Eh...smarre. Even trochsmarre.

HERBERT:

De Bugatti. Dy wie'k hielendal ferjitten.

(Frederick fisket de kaaikes by him út de bûse)

EDUARD:

Jaja. Sa sûnder soarch as it libben hjir is. Jou jo je mar even del. Charles sil jo sa massearje.

HERBERT:

Ik ha wol sin oan in flauwbyt.

EDUARD: *(sjocht op kaart)*

Fansels. Jo krije hjoed in appel en in ...- aai.

(Herbert rint stram ôf. Underwylst heare wy spui-lûden út de romte derneist)

EDUARD: *(geheimsinnich)*

Dat is ien.

FREDERICK:

En Visser?

EDUARD: *(pakt in dokument út syn binnenste bûse)*

Dit is twa. Yn it kontrakt dat wy fan Vissers saakwaarnimmer tekenje moasten nei dat ongemak, stiet dat wy kueroard 'De Rân fan it Ravyn' behearen moasten, oant Visser weromkaam, ôf oant wy frywilligers fûn ha om ús te ferfangen.

FREDERIK:
Mar wat is tafallich?

EDUARD:
Krekt. Dat is tafallich hiel relatyf. En litte no tafallich de Hausmacherkes hjir frywillich harren hântekkens al ûnder set ha. Sjoch, hjir.

FREDERIK:
O ja? Dat is nij foar my.

EDUARD:
Foar harren ek. Dat binne fan dy dingen, dy barren somtiden. Fan moarnier ôf meien sei foar rintmaster spile oan de râne fan dit triennendal. Kin Charles dy twa sokses befilosofearjen.

FREDERIK:
Soe my net fernufere as se der noch nocht oan ha ek.

EDUARD:
En as de hear Visser op in kweade dach werom komt, of syn plakferfanger, dan sitte wy goed, mei dit.

FREDERIK:
Do bedoelst, dan sitte wy fier fuort.

EDUARD:
(*ûnwis*) Ja.

(*stilte*)

FREDERICK:
Eduard?

EDUARD:
Ja?

FREDERICK:
Bestiet Visser eigentlik wol? Ik bedoel, wy hawwe him nooit sjoen. Net echt. Dy fint liet ús tekenje.

EDUARD:
Tsja. Bestiet God? Bestiet Sinteklaas?

FREDERICK:
Ast deryn leaust, bestiet er. Tink ik.

EDUARD:
Krekt. We witte it net, no? Mar fan dat ongemak witte we wol. En dat wy ferskriklik it bokje wêze kinne as wy dat kontrakt net oer neikomme ek. Mar wy moatte it risiko nimme. Ik stik yn dit libben. Ik wol in oaren.

FREDERICK:

As se allegear op ien ear lizze, pakke wy de Bugatti.

(Kelner op. Hy sleept in ynsike Hermine oer de flier nei har keamer. It stjonkt.)

CHARLES:

Sa. Dat is fase ien.

EDUARD:

Helje de amer even op, Frederick. En nim in dweil mei.

(Wylst Frederick in dweil pakt, ferdwynt Eduard nei de keamer derneist. Wy hearre noch krekt hoe't er seit:)

Ah, mefrou Klaverveld. Hat it jo smakke? Alles nei winsk?

KLAVERVELD: *(har lûd)*

O, menear Eduard. Ik wachtsje noch op myn larybast-ekstrakt.

EDUARD:

Larybast?

(tsjuster)

Tredde Bedriuw

Sêne ien

Donker. In terras. Sprinkhoannen. Hermine kroant.

HERBERT:

(hat pine yn't liif) Oef. Au! Aah. *(harket)* Hallo? *(stilte, dan wer Hermine dy't kroant)*
Hermine, bisto dat?

HERMINE:

O. Herbert, bisto dat?

HERBERT:

Ik kin net sliepe.

HERMINE:

Ik ek net. Ik tocht ik jou my del op it terras.

HERBERT:

Ik ha de lea oanein.

HERMINE:

Ik ek. Alles draait. Ik mis dy.

HERBERT:

Ik mis dy.

HERMINE:

Krûp der even yn by my.

(Herbert docht dat blykber. In bult kroanen, o en au, en 'foarsichtich'roppen. Dan rêst.)

Herbert, is dit it allegear wurdich?

HERBERT:

It lijen?

HERMINE:

It lijen, it ôfsjen, de ûntbearing, de fernedering.

HERBERT:

Ja, Hermine, oant de lêste sint. Myn rêch is brutsen, mar ik bin al in deilang net troffen troch it ferpletterjend ynsjoch fan de filosofy en de stjerrekeunde.

HERMINE:

Dat is moai.

HERBERT:

En do?

HERMINE:

As ik nei in koekje sjoch, kin 'k wol spuie.

HERBERT:

No dan.

HERMINE:

Ik hâld fan dy.

HERBERT:

Ik hâld fan dy. Au.

HERMINE:

Au. Ik fiel wat hurds.

Herberts:

Dat binne grif de kaaikes fan de Bugatti.

HERMINE:

Dy kin ik, dit fielt oars.

(Yntusken binne de broers opkommen yn deselde outfit as Herbert en Hermine oan it begjin. Eduard hat de klean oan fan Herbert (dy't him grif te grut binne) en Frederick dy fan Hermine (dy't grif te lyts binne). Se prate flústerjend.)

FREDERICK:

Hast de kaaikes?

EDUARD:

Ja.

FREDERICK:

Hast de kaart?

EDUARD:

Wy ride gewoan achter ús noas oan. Wy komme altyd wol erges út. Alles better as hjir.

FREDERICK:

Farwol, âld hús!

Yn myn oantinken bisto altyd thús

Bewarje myn ferline yn dyn yngewanten

Dyn byld sik'k striede by fiere horizonten

EDUARD:

Fan my mei it krot achter myn rêch yndonderje.

(Herbert en Hermine kroane)

FREDERICK:
Sst. Wat is dat? In hotelrat.

EDUARD:
Start de motor!

HERMINE:
In hotelrat? (*gjalp*)

HERBERT:
Dy prate ommers net. (*lûd*) Binne jo ynbrekker?
(*It lûd fan in auto dy't net starte wol*)
De Bugatti!

EDUARD:
Sko op. Lit my mar.

(*kelner op yn moarnsjas mei in bûselampe. Yn de oare hân hat er in dokument. Yn it ljocht fan de lampe sjogge wy Hermine op in stoel stean.*)

HERBERT:
Pak oan dief!

CHARLES:
Foarsichtich!

(*Hy rjochtet syn lampe op Herbert dy't yn pyjama mei in bile yn de hân yn in heldhaftige hâlding befriest. Underwilens heare wy op 'en nij de auto net starten. Ek Cora is yn pyjama op it geheister ôfkommen*)

HERBERT:
De Bugatti!

CHARLES:
Dêr!

(*Herbert en Cora drave ôf*) Oan de oare kant komt in slieperige mefr. Klaverveld yn nachtpon it toniel op)

KLAVERVELD:
Ik hie wol sa'n nuvere dream fannacht. Menear Eduard en menear Frederick naaiden út yn in twaddehâns auto.

CHARLES:
(*lêst it dokument, grommelt wat*) Desertearje, hin?

(*de broers keare werom, flankearre troch Herbert en Cora*)

As in dief yn de nacht, hin? Wêr tochten wy dat wy hinne soene?

EDUARD:

Ik bin in frij man! Ik doch wat ik wol. Hâld my mar tsjin, do rat! Warskôgje Visser mar. Lit him mar komme. It kin my allegear neat mear skele. Dan mar nei de ferdommenis.

FREDERICK:

(tsjn Herbert) En warskôgje de plysje ek mar. Sis mar dat wy dat brik fan dy jatten hawwe.

HERMINE:

Plysje?

HERBERT:

Moat it no sa? Kinne wy dit net oars oplosse?

CHARLES:

Fansels, menear Hausmacher. Sjoch mar ris wat de broers betocht ha. Jo ha al tekene. *(hy jout it papier oan Herbert , dy 't it mei Hermine trochlêst. Cora hat ûnderwilens de hoarn yn de hân.)*

CORA:

Is it nul-ien-twa of ien-twa-trije?

HERMINE:

Je moatte it lef mar ha!

CORA:

Stellerij, oplichterij en fraude?

CHARLES:

Mar wêrom eigentlik net, menear en mefrou Hausmacher? De broers meie foar har ûntspanning ommers bêst wol in deike of sa jo automobyl liene? Se bringe 'im wer werom, skiuwe se. Tink ris oan de foardielen as jo twaën salang it behear hjir oernimme. Ik lear jo it klappen fan de swipe. Jo kinne wat minder ite, jo wat minder hakje – dat litte jo dan troch oaren dwaan. En sa krijt jo libben dan in oare draai. Miskien hat it lot dit wol sa beslist. Tafal bestiet net. Alles wat der op jo paad komt, hat in sin. Dit is jo lot, jo bestemming.

HERBERT:

En de Bugatti?

EDUARD en FREDERICK:

(sjogge inoar oan, dan troch inoar hinne)

Bringe wy werom. Tuerlik. Fansels.

(Hermine en Herbert sjogge inoar oan. Stilte fol spanning. Dan goait Hermine har yn syn earmen.)

HERMINE:

Wy dogge it, Herbie!

EDUARD:

Dat...Dan...No. Goh. Moai. Dat is dan regele.

FREDERICK:

Oant sjen. *(wol syn broer meilûke)*

EDUARD:

(oandien) Bêste minsken. Fan herten tank. Mei jim gearwurkje te meien, gearlibje te meien, tsjinje te meien, It wie in ferriking. Dit bliuwt altyd hjirre *(slacht him op it boarst)* bewarre.

(folget in waarm hannenskodzjen mei elk, ek in omearming hjir en dêr. Mefr. Klaverveld is yn triennen – ‘o, leave menear Eduard’. Allinnich it ôfskie fan de kelner is wat ôfstanneliker)

FREDERICK:

Dat it jim goed gean mei! *(sêft)* Kom op, Eddie!

HERBERT:

Wachtsje, ik help jo mei de auto.

(de bruorren ôf, folge troch herbert. Slaande autodoarren. De motor start en rint as in tirelier. Herbert komt werom. Elk sjocht se nei, wiuwt, wylst in lûd fan de motor hiel, hiel stadich sachter wurdt.)

ALLEGEAR:

Dach, dach, dach! In protte wille. Tink goed om de dyk. Ensfh.

HERBERT:

It is in hiel ein oprit.

HERMINE:

Seker in hiel ein oprit.

KLAVERVELD:

En dan dy sinne oan de kym...

CORA:

(op de trap, mei de fierrekiker) It liket wol in film.

CHARLES:

Goed, wat dogge wy hjoed? Njoggen oere: yn petear mei de beam yn my. Alve oere: Krús ademje.

HERMINE:

Earst marris lekker moarnsite. En ik yt lekker niks.

CHARLES: (

tsjin Klaverveld) Wat soene je sizze fan in lekker gleske ikeltsjesspa?

KLAVERVELD:

Jo bedjerre my.

CORA:
Se hâlde stop!!

(elk stiet stiif, stelt him wer langjend op by de yngong)

HERMINE:
Wat bart der?

HERBERT:
Neat mei de Bugatti, wol?

CORA:
Nee, der stiet in hûntsje te liften.

HERMINE:
Fritske!

CORA:
Frederick docht de doar iepen. Wat in moppy. Hy slikket Eduard oer syn wrat.

HERMINE:
De pop.

CORA:
Se ride wer.

CHARLES:
Kom minsken. It libben giet troch.

(gjinien dy't wat docht)

HERBERT:
Sjochst noch wat?

CORA:
Nee. *(pauze)* Ein goed, al goed. *(pauze)* Ja, wol!

HERBERT:
Wat?

CORA:
In tsjinlizzer!

HERBERT:
Op de oprit?

CHARLES:
Hoe sjocht dy derút?

CORA:

Kreaze man. Learene jas. Motor. Kawasaki. Gouden kettinkje. Stevich sitflak. Houten skonk. Gjin tenor, liket my.

CHARLES:
Houten skonk?

KLAVERVELD:
Menear...Visser?

HERMINE:
Visser?

HERBERT:
Visser bestiet foar ús net. Wat steane jim hjir no? Kom op, omklaaie. Sa kinne wy ommers gjin gasten ûntfange. Kom fan dy trep ôf, do. Binne de tafels dekt? Hermine, it gasteboek. *(tsjin Charles)* Wêr hast dyn servet, man? Moat ik hjir dan alles allinnich dwaan?

(elk drok, klaait him oan ensfh. Allinnich Cora bliuwt troch de kiker sjen. It gelûd fan de motor boazet oan)

CORA:
Soa, dy set de sokken deryn. 240 It oere, minstens.

HERBERT: *(hat him ek oanklaaid. De klean lykje op dy fan Eduard, dy fan Hermine op dy fan Frederick.)*
Elk klear? Kom fan dy trep ôf. Hoe dogge wy it?

HERMINE:
Ik skel him de hûd fol, do fangst him op.

CHARLES:
Liket my better fan oarsom.

HERMINE:
Ek goed.

Herbert;
Klear?

HERMINE:
Ik ha wol sa de kribels.

HERBERT:
Kalmoan leave, dit komt goed.

HERMINE:
Hy sei leave..!

(it no hiel lûde gelûd stoppet. Gelûd fan kreakjende learzens. Cora hâldt de doar iepen. Dan komt Rocky Valentino op. Hy hat in learene piloatenkap op en in

alderwetske racebril dy't ûnder de modder sit. Hy rint mei in stive skonk, wêr't in tûkje útkomt. Om de rêch draacht er in gewear mei fizier. Gjinien doart te sprekken.

ROCKY:
Ferrekt rjochte oprit.

HERBERT:
Oars wie it wol in ôfrit.

ROCKY:
Ha'k dy wat frege?

HERMINE:
Wolkom yn hotel-kueroarde De Râne fan it Ravyn. Mei ik jo namme opskriuwe?

ROCKY:
Dochst mar.
(hy rint stadich de romte troch en sjocht elk yntimidearjend oan)

KLAVERVELD:
Binne jo miskien...menear Visser?

ROCKY:
(pauze) Ik soe dy namme net ljochtfeardich brûke, mefroutsje.
(rint troch. Tsjin Charles.)
En wa tinksto dast bisto?

CHARLES:
Ik bin om te tsjinjen.

ROCKY:
(rint troch, en bliuwt úteinlik driigjend foar Herbert stean.)
Wêr-is-de-Bugatti?

HERBERT:
De...,de, de Bu, Bu, Bugatti?

ROCKY:
(priket him mei finger yn 't boarst)
Rocky Valentino kin der net goed oer as se nei him wize.

HERBERT:
Ik wiis net. Wier net.

ROCKY:
Moai sa. Rocky Valentino kin der ek net goed oer as se tsjin him liegen. Moat hy net oan tinke. Brrr. Mar it wurdt pas echt ferfelend as Rocky Valentino syn eigen wurden werhelje moat. Dat ik freegje: *(mei klam)* wêr – is - ..

HERBERT:

De Bugatti? Ja, dy is hjir. Dat treft, menear Valentino. Eh pop, stiet dy Bugatti noch yn de graazje?

HERMINE:

Hè, dat treft min, menear Valentino. Lit de eigners no krekt fan 'e moarn fuortgongen wêze.

KLAVERVELD:

Ynienen, samar.

ROCKY: *(driigjend foar Hermine)*

Mei in man en in frou deryn?

KLAVERVELD:

Nee, twa manlju.

HERBERT:

No ja, de iene hear wie neffens my in ferklaaide dame. Of in dame dy't wat fan in hear hie. Tochst net, skat?

HERMINE:

It hie in rok oan.

CORA:

Miskien dat it wol twa ferklaaide dames wiene.
(ferwitende blikken fan de oaren)

HERBERT:

Jo moatte se foarbyriden wêze.

CORA:

(skowt syn modderbril omheech)
Min sicht ûnderweis?

HERBERT:

Noch goed dat dit sa'n rjochte oprit wie.

ROCKY:

Koppen ticht! *(begjint ynienen te gûlen)* Wêrom kom ik altyd krekt te let?

KLAVERVELD:

Wat kin dy âlde auto jo eins skele? Ast mar sûn bist, sis ik altyd mar.

ROCKY:

Dy âlde auto is tweintich miljoen wurdich! Dit is de auto der auto's. Ast der ienkear yn riden hast, dan bist ferkocht. Dan bestiet der neat oars mear. Dêr wolst in moard foar dwaan. Hjir sil de eigner net bliid mei wêze. 'Rocky', sei er ' se hawwe it leafste stellen dat 'k ha. Fyn de Bugatti, Rocky – Rocky Valentino is de namme – ier as let, hjoed as oer tûzend jier.'

KLAVERVELD:

Tsjongejonge. Heftich sis. En wa is de eigner dan wol?

ROCKY:
(*sucht*) Iene Visser.

(Pynlike stilte. De kelner komt op de ynsakke Rocky ta en leit foarsichtich de hân by him op it skouder. Rocky sjocht fernuvere nei de hân op syn skouder, dan stadich nei de kelner.)

CHARLES:
Se komme werom. Mei de Bugatti.

ROCKY:
Hoe wist dat?

CHARLES:
It stiet hjir swart op wyt. Se hawwe it sels sein, net?

CORA / HERMINE / HERBERT:
Jawol, yn sekere sin, miskien.

KLAVERVELD:
Menear Eduard is in hear. Dy hâldt syn wurd.

ROCKY:
Hoesa? (*pauze*) Wannear?

CHARLES:
Tiid is relatyf, fan 'e middei, oer in jier. Dy menear Visser liket my ien mei alle tiid fan de wrâld.

ROCKY:
Okee, ik wachtsje. Doch jim ding. Let net op my.

CHARLES:
(*klapt yn de hannen*) Kom minsken, oan de slach.

(Elkenien oan it wurk. Rocky ynstallearet syn skerpskuttersgewear op in trijepoat. Donkerslach. Nei elke donkerslach sjogge wy in oare opstelling en in oar seizoen.)

CORA:
(*fan de trep ôf, op publyk*) In sinnige dei gong foarby...

(Donkerslach)

en dêrnei in wike mei rein. Rocky Valentino hie geduld. Hy lei ris in kaartsje mei mefrou Klaverveld...

KLAVERVELD:
Jo spylje falsk. Ik ha alwer wûn.

ROCKY:

As jo winne hawwe jo kûltsjes yn de wangen, krekt ús mem. Noch in kroket?

(Donkerslach)

CORA:

Of hy dronk in pot bier mei Herbert.

ROCKY:

Ha, ha. En do tochst dat ik tocht dasto dy Bugatti stellen hiest. Ha, ha, ha. Wylst ik neat tocht. Want dat kin ik net. Ha, ha.

HERBERT:

Ja. Haha. It kin nuver rinne yn de wrâld.

(Donkerslag. Rocky hat in t-shirt oan mei de tekst: 'Piet Graniet Harder is er niet.')

CORA:

Of hy hie in filosofysk ûnderhâld mei Charles.

CHARLES:

Dat jo hite eigentlik fan Graniet?

ROCKY:

Hoe riede jo it sa? Doe't ik noch útsmiter wie yn 'The seventh heaven' wie hite ik yndie Graniet.

CHARLES:

Seventh heaven?

ROCKY:

De nachtklub fan menear Visser. Net dat je him dêr oait seagen, hear. Mar Graniet wie dêr myn artystenamme... Eigentlik hyt ik... Peter Steenmeyer. Of wie it Simon? No ja, ik wit it net, mar wat ik wol wit: as ik sjit, sjit ik raak.

CHARLES:

Jo binne de ienichste hjir dy't net yn terapy hoecht. Ien dy't de eigen namme ferjit moat wol folslein ien wêze mei himsels. Dy hoecht himsels net te sykjen; dy is altyd te plak. Wa't net mear wit en gjin gewissen hat, is altyd ien mei syn doel. Dy twifelet net. Dy sjit.

ROCKY:

Dat siz ik. As ik sjit, dan sjit ik rekke.

CORA:

De winter gong, de maitiid kaam, in jier gong foarby yn Hotel Kueroarde De Râne fan it Ravyn. Guon gasten fûnen it wol apart, sa'n gangster mei in gewear yn de lobby. Mar de measte sikers binne it paad sa bjuster dy sjogge nerges fan op. It sil wol de tv wêze, of teater, of symboalysk, tinke se dan.

HERBERT:

Sis kletsmeijer, kom ris fan dy trep ôf.

CORA:

Moment. *(sjocht troch kiker)* Der komme nijen!

CHARLES:

Hoe sjogge se derút?

CORA:

Hy: foar yn de fyftich, linich, oant juster in snor, rútsjestrui, drollefanger, gjin tenor. Sy: achter yn de fjirtich, rûn, skotse rût, sportsokken. Rummicubster.

HERBERT:

Hermine! Gasten! Wat is de rolferdieling? Trapesto my yn inoar of ik dy? *(tsjin Cora)*
Hoefier binne se?

CORA:

Kilometerke of fjouwer, fiif.

HERBERT:

Kom fan dy trep ôf. De matrassen moatte noch luchte. De menukaarten skreaun. De tafels dekt. Godtank stean ik der net allinnich foar.

CORA:

Moaie auto sis. Liket wol in ...

(by dy wurden fearet Rocky op. Hy stelt him achter syn gewear op, docht in doaske patroanen iepen en laadt it gewear. Elk stiif. Rocky sjocht troch fizier.)

HERBERT:

Do bedoelst...

CORA:

Sy binne it.

HERMINE:

Myn god, Herbert. Doch wat.

HERBERT:

Kinne wy dit net oars oplosse?

KLAVERVELD:

Wat is dat eigentlik foar ding?

CHARLES:

Wy sjogge hjir it needlot yn wurking.

ROCKY:

Eindelijk. Kom mar, skatsjes...

HERMINE:

Meneer Valentino, Herbert en ik hawwe dy Bugatti stellen. Wy woene in draai oan ús libben jaan en doe hat Herbert –

HERBERT:

In óare draai. Dit ha wy nooit wold.

ROCKY:

Kop ticht! Jim sjogge ommers dat ik oan it wurk bin.

CHARLES:

Echte ienfâld lit him net skiede fan syn doel. Dit is it momint wêrop't alles gearfalt.

ROCKY:

Stil man.

(Rocky stekt de linkerearm omheech en helle mei de rjochterhân de trekker oer. In knal klinkt, folge troch in fluitsjen.)

KLAVERVELD:

Peter! Do beweegdest.

ROCKY:

Ik? Hielendal net.

KLAVERVELD:

Ik seach it ommers sels.

CORA: *(as ferslacht se hynstedraven)* En dêr ferlit de kûgel de loop fan it gewear! En wat foar in kûgel. Puntich, goudkleurich, de ynisjalen R.V. oan de iene kant de firmanamme Visser & Zoon en oan de oare kant – even sjen – '... wurdt djoer betelle' as ik it goed lê. En wat in snelheid! Hjir kin gjin Bugatti tsjinop. En wat in rjochte lijn! Dit is rjocht! Dit is net om 'e nocht rjocht en rjocht op de man ôf. Rjocht út it hert. Sa rjocht as rjochtfeardigens út de loop fan in gewear. It rjocht yn wurking. Rjochtstreeks te sjen op kanaal - MAR WAT IS DAT?

ALLEGEAR:

(utsein Rocky) Wat??

CORA:

De Bugatti stoppet. De doarkes geane iepen. Se stappe út. En dêr is –

HERMINE:

Fritske!

CORA:

Bine se it hûntsje oan in beam? Moat it even pisje? Wylst meneer Eduard en meneer Frederick foar de auto oerlizze oft hûntsje pisje moat of oan in beam fêstbûn –

ROCKY:

Duorret dit noch lang?

CORA:

– sûtzet de kûgel hurd as de wjerljocht, de goudene kûgel mei dêrop oan de iene kant de firmanaam –. MAR WAT IS DAT?

ALLEGEAR:

(útsein Rocky) Wat??

CORA:

Is dy baan wol hielendal kearsrjocht? Ik ha sa myn twifels. Ik bin yn dubio. Mar wat bart dêr?!

KLAVERVELD:

Ik jou it op. Sis it mar.

CORA:

In flinter stekt de dyk oer! Watst oerstekken neamst. Hy flintert sûnder erch doelleas om. Fritske sjocht de fladderaar, lûkt de riem los, springt op om it boartlik fleanerke te fangen en dan...en dan... Dêr komt de kûgel! De kûgel komt fan links. Teminsten, fan de oare kant ôf sjoen. Fritske springt op. En...O! O nee! Nee! *(hy ferberget it gesicht yn syn hannen)*

ALLEGEAR:

(útsein Rocky) Wat??

HERBERT:

Sjoch no mins.

CORA:

(sjocht wer troch kiker. Har tempo nimt ôf)

De kûgel treft de hûn. *(Hermine gjalpt it út)*

Of...nee! De hûnepenning! De kûgel ketst ôf, Fritske is neat mei, de kûgel ketst tsjin it logo op de radiator fan de Bugatti, skampt de lêsbriil fan menear Eduard, fleacht yn in bôge omheech, en – Wêr is 'y no? Ik sjoch hjir tsjin de sinne yn, minsken.

(it fluitsjende gelûd boazet wer oan. Elts sjocht omheech, útsein Rocky,, dy't, stadichjesoan nerveus wurden, krekt in sigret opstekt en op it pakje lêst: 'Roken is dodelijk'. It lûd fan twa tichtslande Bugatti-doarren klinkt. Eduard en Frederick komme der ferdwaasd yn. It fluitsjende lûd berikt in klimaks en einicht yn in knal, wêrop Rocky dea del stoart. Allegear komme se om him hinne stean, ek Cora. Eduard en Frederick sjogge fan achteren ta, mar net ien fernimt dat sy der binne.)

HERMINE:

Is er...dea?

HERBERT:

Ik sjoch in gatsje.

CORA:

En hjir noch ien.

HERMINE:

Twa?

CHARLES:
Alles hat twa kanten.

ROCKY:
(rutteljend) Arch ...Grmf..Krurfg...Vis.. Vis-, Viss..

HERBERT:
Wat seit er?

HERMINE:
Hy wol fisk.

CORA:
Hiest goed mikt, hear, Rocky. It wie gewoan pech.

HERBERT:
Stom tafal. Sa gean dy dingen.

KLAVERVELD:
Hy bewooch wol.

ROCKY:
Siz tsjin Visser.... Ast jimme him sjogge...

HERMINE:
Lit it gean, jonge. Lis dy der by del.

(Rocky blaast de lêste siken út. Kring om him hinne komt oerein, faait stof fan de knibbels)

KLAVERVELD:
It wie in goeie jonge, yn de grûn.

CORA:
Hoe koe dy misse, freegje je ôf?

CHARLES:
Hoesa missen? Hoe koe dy it sa rekken?

HERBERT:
En dan sizze se noch dat tafal net bestiet. Of tinkst dat ien dit betocht hat?

HERMINE / KLAVERVELD:
(prûstend) Visser!

CORA:
Tafal is dy needsakelike gearrin fan omstannichheden dy't him tafallich oan ús begryp ûntlûkt.

EDUARD:
(*kucht*) Goeie middei.

(*Elk draait him om*)

KLAVERVELD:
Meneer Eduard!

HERMINE:
Wêr is Fritske?

FREDERICK:
Dy ha wy op healwei oan in beam bûn. Regels binne -

CHARLES:
Hoe wie de reis? Soad sjoen, soad belibbe?

EDUARD:
Jawol, ja. (*Wist op Rocky*). Is dat.. eh, is dat...?

FREDERICK:
Is dat ...eh, meneer...eh..?

KLAVERVELD::
Ja

HERBERT EN HERMINE:
(*tegelijk met Klaverveld*) Nee.

CORA:
Hy is dea.

EDUARD EN FREDERICK:
O.

CHARLES:
Tsja. Leuke rûte folge?

EDUARD:
No, dy gong foarnamelik...Frederick, do wiest de byrider...

FREDERICK:
Dy gong foaral rjochttroch.

EDUARD:
Ja, wy hawwe yn ús belibbing in soad...rjochttroch riden.

FREDERICK:
Net oars, eigentlich, sûnt wy fan 'e moarn fuortriden.

EDUARD:

Wat ik allinnich net hielendal meikrigen ha is –

FREDERICK:
hoe't wy no hjir útkommen binne.

CHARLES:
Mar dat is ommers simpel?

FREDERICK:
O ja?

(Elk giet om de beteuterde broers hinne stean en slacht se – hieltyd mear – bemoedigjend op 'e skouders).

CHARLES:
Jim gongen hieltyd rjochttroch.

CORA:
Krekt as dy kûgel.

CHARLES:
Mar de ierde is rûn.

CORA:
Dus earne, ûnderweis –

CHARLES:
Is der wat rakelings misgongen.

HERMINE:
Gjin draai sis mar.

HERBERT:
(makket in rûndraaiende beweging) Of ien en al draai eins.

EDUARD:
Wat moatte we no?

FREDERICK:
Binne we frij?

CHARLES:
Fansels, atlyd al west.

HERMINE:
Jim kinne de Bugatti wol nimme.

HERBERT:
No, de Bugatti mar better fan net, tink.

CHARLES:

Wa wit wat jo boppe de holle hinget.

(De broers sjogge ûnwis om harren hinne. Dan klinkt it fluitsjende lûd op 'e nij, mar no boazet it hurder oan. Elkoar beethâldend sjogge de broers benaud omheech, wylst de rest – ek Rocky – optein de seal yn sjocht. It lûd nimt ta, stoppet ynienen en it folgjende momint is it tsjuster)

EIN